

[1421] ‘The spelling of the sounds u, u:, u.ə, ũo is a muddle’¹

Oer de stavering fan it /u(:)/-lûd yn it Frysk sûnt 1879

Hindrik Sijens

Abstract

This article examines an aspect of the history of the orthography of Frisian. The Frisian spelling uses the characters û and oe to represent the sounds /u/ and /u:/. The original Frisian spelling rules dating from 1879 tried to prescribe the correct use of these two characters. These rules, however, were inconsistent and complex, as their use depended on the spelling of Dutch and the dialects of City Frisian. This caused doubt and uncertainty for language users. In 1913 the Frisian linguist Pieter Sipma characterised these complex rules as ‘a muddle’. Because of the inconsistencies and the lack of clarity, a new rule for the spelling of these sounds was introduced in 1945. This new rule was not much of an improvement, for the use of the characters oe and û now depended on the Old Frisian form of the word in question. After the introduction of this new rule, another complication emerged when it appeared that dictionaries, textbooks and teachers did not keep to this new rule, but reverted to the old rules or even created their own ones. In 2015, a small spelling adjustment and the release of a word list with preferred spelling (Foarkarswurldlist foar it Frysk) solved the problem of misapplying the spelling rules of the sounds /u/ and /u:/. The article concludes with a paragraph in which the possible causes of this ‘muddle’ are discussed.

0. Ynlieding

Yn de Fryske stavering komt it mear as ien kear foar dat itselde lûd mei twa tekens werjûn wurdt. Soks is bygelyks te sjen yn wurdpearen as *snot/kat*, *nij/nej* en *(nei)bauwe/(nei)bouwe*. Yn it Frysk kin it lange en koarte /u/-lûd²

1. Sipma 1913, s. 42.

2. Yn dit artikel giet it oer it koarte en lange u-lûd, yn fonetysk skrift, neffens it International Phonetic Alphabet (IPA) werjûn as *u* en *u:*, yn de Fryske stavering yn lettertekens werjûn as *û* of as *oe*. Yn dit artikel wurde foar de lûden de notaasjes /u/ en /u:/ brûkt en as it om beide giet /u(:)/. De stavering fan it /u(:)/-lûd yn ‘frjemde wurden’ (ynternasjonalismen) wurdt hjir net behannele, om’t yn 1879 gjin aparte regels foar it skriuwen fan

ek mei twa tekens skreaun wurde, nammentlik mei *û* en mei *oe*. It teken *û* komme wy ûnder oaren tsjin yn *kût*, *mûtse*, *hûs*, *krûd*, wêrby't *û* yn de earste twa wurden in koart en yn de lêste twa in lang lûd represintearret. De *oe* wurdt skreaun yn wurden as *koeke*, *boech*, *koekje*, *hoe*. Yn de earste twa wurden is it /u/-lûd lang, yn it twadde pear koart.

Dat der twa tekens foar inselde lûd besteane, makket it oanlearen en tapassen fan de staveringsregels dreech. It wurdt noch dreger as ien fan dy beide tekens ek foar it twalûd /u.ə/ brûkt wurdt en der in koarte en in lange fariant fan it lûd bestiet dy't mei deselde tekens skreaun wurdt. Staveringsregels binne bedoeld om de Fryskskriuwer te helpen by it kiezen fan it goede teken. De Fryske staveringsregels foar it /u(:)/-lûd litte de Fryskskriuwer wat dat oangiet geregeld sitte. Al sûnt yn 1879 it *Selskip foar Fryske Tael en Skriftenkennisse*³ de staveringsregels fan it Frysk fêstlein hat, binne der ûndúdlikheden en fragen oer de krekte stavering fan wurden mei it /u(:)/-lûd. P. Sipma neamde yn 1913 de staveringsregels foar it /u(:)/-lûd *a muddle*, in tizeboel (Sipma 1913, s. 42).

Yn dit artikel wurdt besocht om wat ynsjoch yn dy tizeboel te krijen. Earst wurdt beskreaun hokker regels oft der foar it skriuwen fan it /u(:)/-lûd yn 1879 en 1945 fêststeld binne en hoe't dy staveringsregels beskreaun en tapast binne yn grammatika's, wurdboeken en learboekjes. It sil bliken dwaan dat tusken 1879 en 2015 in hieltyd grutter wurdend ferskil tusken de regels en de skriuwpraktyk ûntstien is en dat dêrtroch de tizeboel noch mear yn 'e knoop rekke. De staveringsoanpassing fan 2015, dy't bedoeld wie om de tizeboel útinoar te heljen, kriget ek omtinken. Yn in koart beslút wurdt noch yngien op de mooglike oarsaken fan it ûntstean fan de tizeboel.

1. De staveringsregels fan 1879

1.1. De Fryske Boekstavering

Yn de njoggentjinde iuw waard it Frysk op ferskate wizen stavere.⁴ De Hal-

frjemde wurden fêststeld binne. De stavering fan it /u(:)/-lûd foar de *-n* (*joun/jûn*, *goune/gûne*) lit ik ek gewurde omdat dêr in aparte regel foar bestiet, dy't minder swierichheden jout. De skriuwwise fan it twalûd /u.ə/ en syn brekkingsprodukt /uo/ wurdt hjir ek bûten beskôging litten, hoewol't de stavering fan dat twalûd oars ek wol komplikaasjes jûn hat, om't it ek mei de tekens *û* (*ûre*) en *oe* (*oeren*) stavere waard, sa ek it brekkingsprodukt: *stûr/stûrren/stuorren*, *bûrren/buorren*, *foer/foerre/fuorre*. (Brekking waard earder oanjûn mei, dêr't soks koe, de ferdûbeling fan it bylûdteken).

3. Skreaun mei in *n* neffens de werjefte op it titelblêd fan *De Fryske Boekstavering* (1879).

4. Foar in wiidweidich oersjoch en in detaillearre beskriuwing fan de Fryske stavering yn de njoggentjinde iuw, sjoch Folkertsma 1973.

bertsma's skreaune ynearsten meast neffens de gongbere útspraak. Guon skriuwers folgen Gysbert Japicx nei, wylst wer oaren foar de stavering tebek giene nei it Aldfrysk.⁵ Yn 'e rin fan de njoggentjinde iuw waarden dy tradysjes yn beskate staveringssystemen útwurke, troch ûnder oaren Joast Halbertsma en Harmen Sytstra. Wylst by Halbertsma foaral de útspraak liedend wie, keas Sytstra it Aldfrysk as útgongspunt. Beide systemen hiene har praktyske beswieren. Dat fan Halbertsma wie net altyd systematysk en dat fan Sytstra wie dreech om nei te kommen. As reaksje kamen folksskriuwers as Waling Dykstra mei in stavering dy't tichter by de eigentiidske sprutsen taal lei (Feitsma 1999, s. 161-167). Al mei al wie it ferskaat oan skriuwwiizen sadanich grut en betiizjend dat it *Selskip foar Fryske Tael en Skriften-kennisse* der ienheid yn bringe woe. Dy oanset ta ienheid kaam yn 1879 mei de publikaasje *De Fryske Boekstavering, in hantlieding for hwa yn 't Frysk skriuwe wolle*, in boekje gearstald fan de kommisje dy't yn opdracht fan it Selskip mei it staveringssysteme kommen wie.

De haadregels

Yn *De Fryske Boekstavering* wurde trije haadregels of 'wetten' as basis foar de Fryske stavering jûn. As earste sizze de gearstallers: 'Skriuw sa lyk aste sprekste; dat wol sizze, dat me, sa nei as him dat dwaen lit, it spritsene wird troch 't skrift heart wer to jaen' (*Boekstavering* 1879, s. 1). Dêrnei formulearje hja '... in twade rigel for de fryske boekstavering, nammentlik, dat me de letters het to brûken yn de wearde, dy hja yn 't frysk hadde' ... 'en den binammen ek by de skriuwers fen ús tiid' (s. 3, 7). En as tredde regel nimme hja oan: 'dat min de ôflieding het to folgjen as de útspraak dat talit' (s. 8). Gearfetsjend kin sein wurde dat foaral de prinsipen fan de útspraak en de etymology de stavering beskiede.

Nei inkelde ynljedende opmerkingen oer it a-bie wurdt yn de paragraaf *Fen de wearde fen 'e boekstaven en hjar brûkme* in beskriuwing jûn fan de Fryske klinkertekens (staveringstekens dy't oerienkomme mei fokalen yn 'e útspraak) (s. 13). Dêrby wurdt hieltyd in klinkerteken neamd, mei in opsomming fan de lûden dy't mei dat teken skreaun wurde. Op 'e selde wize wurde nei de 'klinkers' de 'twie- en trijelûden' behannele. De term 'twie- en trijelûden' stiet hjir lykwols net foar dif- en triftongen, mar foar it tal lettertekens dat brûkt wurdt om in (ien-, twa- of trije)lûd mei wer te jaan. Dy yndieling is yn ús ienentweintichste-iuwske eagen foar wat de regels foar it

5. Oer de opbou en stavering fan de skriuwtaal yn de njoggentjinde iuw, sjoch Poortinga 1960.

staverjen fan it /u(:)/-lûd oangiet miskien ûnhandich, omdat sa op twa plakken yn it boekje, by it klinkerteken *U* en by it ‘twielûd’teken *oe* oanjûn wurdt hoe’t yn it Frysk it /u(:)/-lûd stavere wurdt, mar yn de grammatika’s fan dy tiid wie it gewoan dat by it behanneljen fan de lûding fan de letters útgien waard en net fan de spraakklinken.

De klinker U

Op de siden 23-29 fan *De Fryske Boekstaving* wurde ûnder de letter (‘klinker’) *U* de lûden /ü(:)/, it delgeande twalûd /u.ə/, de sjwa /ə/ en de /u(:)/ behannele. De /u(:)/ wurdt de ‘brede *u*’ neamd, ‘lyk-enôch it selde lûd as de tsjutske *u* en de hollânske *oe*’ (s. 23). Dêrnei folget in list mei wurden dêr’t dy ‘brede *u*’ yn foarkomt. Om’t útgien wurdt fan it klinkerteken, fine wy yn dy list dus wurden mei it koarte, lange en it (al of net brutsen) twalûd, bygelyks *tûzen*, *rûze*, *hûden* (lang); *mûle*, *bûse*, *fûst* (koart); *pûr*, *sûr*, *ffûr* (delgeand twalûd); *mûrre*, *dûrje* (opgeand twalûd).

Dêrnei wurdt yn inkelde opmerkingen oer de útspraak ûnder oaren neamd dat by de skriuwers Gysbert Japiks, Salverda en Halbertsma it lange en koarte lûd net ûnderskaat wurdt en dat it ‘heel slim’ is om ‘krekte rigels for de útspraak op to jaen’ (s. 24). As help folgje dan in stikmannich útspraak oanwizingen by wurden dy’t mei it teken *û* skreaun wurde. It is foaral dreech om út te meitsjen wat de lingte fan it /u/-lûd is foar de bylûden *d*, *f*, *g*, *l* en *n*, en dêr merke de skriuwers fan *Boekstaving* oer op:

‘Folle nediger scoe ’t dos hjir wêze it lange en koarte lûd yn ’e boekstaving to ûnderskieden as by de sêfte *i* (te witten *i* en *ii*, HS); mar dat is nou ienris nin brûkme en wy wolle it dêrom net ynfier. De ûnderfining het leard, dat it for de fryske lêzers net nedich is, en for frjemden kin min dôch nea sa skriuwe, dat hja der de útspraak krekt út sjen kinne.’ (s. 24-25).

It is spitich dat de kommisje hjir net oan wollen hat, want as it lange en koarte lûd wol yn ’e stavering ûnderskaat wurden wiene mei bygelyks tekenferdûbeling, dan wie in part fan de swierrichheden mei de stavering fan it /u(:)/-lûd net ûntstien. Boppedat oertsjûget de argumintaasje om it net te dwaan net, want earst seit de kommisje ommers dat it ‘folle nediger is’ om it koarte en lange lûd te ûnderskieden, mar fuort dêrnei sizze se dat de ûnderfining leard hat dat it foar Frysklêzers ‘net nedich is’. It hie better en systematysker west as alle lange lûden yn sletten en iepen wurdliiden werjûn wurden wiene mei klinkerferdûbeling.

It twielûd oe

It teken *oe* wurdt by de ‘twie- en trijelûden’ behannele (*Boekstavering* 1879, s. 34-37). De *oe* hat in lange, koarte en brutsen realisaasje, wat yllustrearre wurdt mei in rigele foarbylden. Under ‘lang lûd’ falt hjir ek wer it delgeand twalûd /u.ə/, want yn de foarbylden steane wurden as *bloed, goed, hoed, scoe, woe, koe*. Fierder steane der wurden yn dy’t mei it lange ienlûd útsprutsen wurde: *koeke, skoech, woech, skoep*; en wurden dy’t hjoed-de-dei koart útsprutsen wurde: *koegel, droech, boek, droevich*. By de ‘koarte’ *oe* steane as foarbylden de wurden *loebes, hoeke, toeke, hoepelje, troep* en fierder ferskynt de *oe* ‘yn ’e forlinge foarmen fen somlike wirden, dy oars it lange lûd hadde, binammen dêr *oe* foar *g* ef *k* stiet, as *fordroegje, boeken, koekje*’ (s. 35).

û of oe?

Nei de behanneling fan it klinkerteken U geane de gearstallers noch yn op de twivel dy’t der wêze kin oft men ‘in wird mei *û* ef mei *oe* skriuwe moat’ (s. 25). De regel dy’t dêr foar jûn wurdt, is dat ‘alle wirden, dy yn ’t hollânsk ef yn ’t stedfrysk mei *u, uu (ue), ui* ef *eu* speld wirde, yn ’t frysk mei *û* moatte’ (s. 25). Dizze regel beslút mei in fuotnoat⁶ en wurdt folge fan in list mei 95 foarbylden fan wurden dy’t yn it Frysk in *û* krije en yn it Nederlânsk en/of Stedfrysk in *u, uu (ue), ui* of *eu*.

De gearstallers konstatare ek by de behanneling fan de *oe*, dat twivel ûntstean kin oft ‘min *oe* of *û* brûke moat’. Se jouwe dêrom as regel mei: ‘Den het min der om to tinken dat mei *oe* nea skreaun wirde sokke wirden, dêr yn ’t hollânsk ef yn ’t stedfrysk *u, uu (ue), ui* ef *eu* yn komt. Min het sa’n wird dos dêrby to forgelykjen en den scil min sjen, dat it dêr ek hast altyd *oe*, inkeld ris de *o* het’ (s. 35). Dan folget in list fan sa’n 40 wurden dy’t yn it Frysk mei *oe* skreaun wurde, mei dêrefter harren kognaten yn it Nederlânsk en Stedfrysk. Om’t ûnder it teken *oe* ienlûden en twalûden be-

6. Yn dy fuotnoat stiet: ‘Om ’t forskate wirden yn ’t iene dyalekt de brede en yn ’t oare de sêfte *u* hadde, binne yn it hjir folgjende listsje fen beiden opnomd’. It liket derop as wurdt dêr mei bedoeld, dat in wurd yn it iene Fryske dialekt mei /u/ en yn it oare mei /ü/ útsprutsen wurdt, bygelyks *bûten*, dat op ’e Klaai en yn ’e Wâlden mei /u/ realisearre wurdt en yn de Súdwesthoeke mei /ü/.

It is lykwols apart dat yn de hiele list mei 95 foarbylden soksoartige wurdpearen net foarkomme. De foarmen yn de list binne meast mei *û* stavere en guon ek mei *ú* of *u* (*krún, rú, slute, tún, ús, út*). Fan dy lêste foarmen bestie mooglik yn ’e twadde helte fan de njoggentjinde iuw noch de /u/-útspraak, mar waard dy net (mear) mei *û* stavere.

It is wat apart dat yn in list mei foarbylden fan wurden dy’t neffens de útspraak en de analogyregel, mei in *û* stavere wurde moatte, ek in nust wurden steane dy’t mei *ú* stavere wurde.

hannele wurde, befettet de list dan ek wurden mei dy beide soarten lûden. Alle Fryske wurden yn de list hawwe altyd in Stedfrysk kognaat mei *oe* of *o*. In inkelde kear hat it Nederlânsk gjin kognaat, dan wurdt yn de list in oersetting tusken heakken jûn:

<i>kloet</i>	(schippersboom)	<i>kloet</i>
<i>loebes</i>	(linkert)	<i>loebes</i>

De list wurdt ôfsletten mei in regel foar it gefal dat in wurd net yn it Nederlânsk of Stedfrysk foarkomt: ‘den wirdt for in lang lûd *oe*, for in koarten ien *û* brûkt, as *ik loek* (trok) om ’t it lang, *ik lûk* (trek) om ’t it koart is; sa ek *sjoen*, *tsjoed*, *njoet*, en *wjoede*.’ Dat it dreech is om dizze regel te brûken yn relaasje ta de ûnderskate útspraakmooglikheden dy’t it Frysk hat, wurdt ymplisyt erkend mei de opmerking dy’t daliks efter de foarbylden *njoet* en *wjoede* makke wurdt: ‘as min by de twa lêste krekt dy dyalektiske foarm oanwize wol; howol oars yn sokke wirden, dy nei in oare tongslach ek de *u* habbe (*njute einen*, *wjude*) de spelling mei *û* (*njût*, *wjûde*) wis wol sa forkieslik is’ (s. 37).

Oare regels

Neist de algemiene regels foar it staverjen fan it /u(:)/-lûd, wurde de wurd-sjes *ho* en *do*, (hjoed-de-dei stavere as *hoe* en *doe*) behannele ûnder it teken *O* (s. 20-21). It is ûndúdlik oft de skriuwers de útspraak /o:/ of /u/ bedoele, want nei de lûdkarakterisearing fan it teken *O* as it ‘koarte hirde lûd *o*’ mei as foarbylden ûnder oaren *kop*, *lokje*, *doch* en mei in ‘doffere’ útspraak yn *dobbe*, *kobbe*, *hondert*, folgje dêr as lêste de foarbylden *ho* en *do* op.

It teken *ou* wurdt brûkt yn wurden dêr’t it lûd ‘nou ris nei *oo*, den wer mear nei *oe* ef *oew* lûkt, mar dat by de measten as in doffe *ou* útspritsen wirdt, as *houn*, *roun*, *groun*, *boun*, *joun* (avond), *ik foun*, ... *oun*, *goune* ensf.’ (s. 38). De stavering fan it folslein mulwurd fan *jaan* is *jown*, dat deselde útspraak hawwe kin as de hjirfoar neamde neamde wurden mei *ou*. De stavering *jown* is dus in útsûndering.

Gearfetting en kommentaar

De beskriuwing fan de stavering fan it /u(:)/-lûd yn *De Fryske Boekstavering* kin yn trije regels gearfette wurde:

1. Wurden dy’t yn it Nederlânsk skreaun of yn Stedfrysk útsprutsen (en eventueel skreaun) wurde mei *u*, *uu* (*ue*), *ui* of *eu*, wurde yn it Frysk mei in *û* skreaun.

2. Wurden dy't yn it Nederlânsk skreaun of yn Stedfrysk útsprutsen (en eventueel skreaun) wurde mei *oe* of *o(o)*, wurde yn it Frysk mei in *oe* skreaun.
3. Bestiet in wurd net yn it Nederlânsk of Stedfrysk, dan wurdt yn it Frysk in *û* skreaun as it lûd koart en in *oe* as it lang is.

Yn in stikmannich punten wol ik wat kantekens en kritykpunten by dy regels en de beskriuwing dêrfan jaan:

- Yn de njoggentjinde iuw waard de /u(:)/ op ûnderskate wizen skreaun en de beregeling 1879 giet tebek op wat doe wenst wie by de Fryske skriuwers. It is efterôf spitich dat se net keazen hawwe foar in eigen regel, mar tebekfalle op it histoaryske ûnderskied tusken *û* en *oe*.
- Yn it boekje wurdt de stavering beskreaun en beregele neffens de lettertekens yn stee fan neffens de útspraak. No wurde ûnder ien teken en regel ûnderskate lûden beflapt. As de gearstallers útgien wiene fan de lûden, dan hie de /u(:)/ yn ien paragraaf behannele wurde kinnen, yn stee fan in aparte behanneling by it klinkerteken U en by it 'twielûd' *oe*.
- De terminology dy't brûkt wurdt, is yn ús eagen wolris wat ûndúdlik. De gearstallers hawwe it oer *klinkers*, en *twielûden*, lykwols bedoele se dêr gjin soarten fan lûden mei, mar tekens dy't dy lûden represintearje. En de beskriuwing fan de lûden dy't by de tekens hearre, is mei termen as 'koart sêft' (de /ü/), 'koart hurd' (de /ö/), 'breed' (it /u(:)/-lûd en de diftongen /u.ə/ en /ʊo/), ek net altyd dúdlik.
- By it jaan fan foarbylden fan wurden dy't mei *û* of *oe* skreaun wurde, wurdt it delgeande twalûd /u.ə/ net ûnderskaat, wol it opgeand twalûd /ʊo/, dat as 'britsen lûd' karakterisearre wurdt.
- De regels dy't *De Fryske Boekstavering* foar it staverjen fan *û* en *oe* jout, geane meastal net tebek op de haadregel fan de útspraak, mar foaral op de tredde 'wet', it prinsipe fan de ôflieding of etymology. Dêrby is benammen sjoen nei oerienkommende foarmen yn it Nederlânsk en it Stedfrysk. Dizze beregeling liedt soms ta twa útkomsten en kin ûnwisens feroarsaakje. Sa soe neffens it Hollânske *vogel* yn it Frysk *foegel* skreaun wurde moatte, mar neffens it Stedfryske *feugel* soe it yn it Frysk krekt *fûgel* wêze moatte. By de stavering fan *bûter*, dat yn it Hollânsk *boter* is en yn it Stedfrysk *butter* en *buter*, spilet itselde. Blykber is it Stedfrysk hjir liedend, want de selskipskommisje jout foar it Frysk de stavering *fûgel* en *bûter*. By Frysk *rûze* (Nederlânsk *ruisen*) is it krekt oarsom: neffens it Nederlânsk soe it yn it Frysk *rûze* wêze moatte, mar *roeze* neffens de Stedfryske foarm *roeze*. Dat by ferskil tusken dy twa it

Stedfrysk foar it Nederlânsk komt of oarsom, wurdt lykwols net as regel formulearre.

Alhielendal ûndúdlik wurdt it by de Fryske foarm *gûchelje*, dêr't it Nederlânsk *guichelen* en *gouchelen* (dus mei *ui* = *gûchelje* en mei *oo* = *goechelje*) hat. It Stedfrysk hat *guechele*, *goechele* en *goochele*, wat foar it Frysk ek de foarmen *gûchelje* en *goechelje* opsmite soe. Ut dit gegûchel kin men mei goed fatsoen gjin Fryske stavering foar *gûchelje* ôfliede.

- In lêste beswier tsjin de regeling is dat fan de Fryskskriuwer ferwachte wurdt dat er yn de Nederlânske en Stedfryske taalhistoarje thús is om besluten oer de skriuwweze fan wurden mei it /u(:)/-lûd nimme te kinnen. Mar men kin by etymologysk minder trochsichtige wurden as *tûke* of *rebûlje* de gewoane Fryskskriuwer net freegje om in histoarysk of etymologysk wurdboek op te slaan om te sjen hoe't in wurd yn it Frysk stavere wurde moat.

1.2. Van Blom 1889

Yn 1889 jout mr. Ph. van Blom syn *Beknopte Friesche Spraakkunst voor den tegenwoordigen tijd* yn it ljocht. Yn dy publikaasje wurdt de stavering fan 1879 'somehow extended' wêrjûn (Sipma 1913, s. 42). Van Blom is yn syn oersjoch helderder oer de terminology en de begripen dy't er brûkt om de stavering fan it /u(:)/-lûd te beskriuwen as de gearstallers fan *De Fryske Boekstavering*. By it teken *oe* jout er dúdlik oan dat it brûkt wurdt foar sawol de diftong as it ienlûd (s. 11). Fierder jout er as ekstra oan dat de útspraak fan de *o* yn de ienwurdliddige wurdjes 'ho en do (*hoe* en *toen*) ... naar de oe zweemt' (s. 20), yn *De Fryske Boekstavering* wie it karakter fan de útspraak, sa't hjirfoar beskreaun is, wat ûndúdlik werjûn.⁷ In oare oanfolging jout Van Blom by de doetiid fan it tiidwurd *jaan*. Dy wurdt mei *oe* stavere, yn tsjinstelling ta de notiid, dy't mei *ow* skreaun wurdt (s. 23).

De wichtichste regels om te kiezen foar *û* of *oe* binne by Van Blom deselden as yn *De Fryske Boekstavering*: in *û* as it wurd yn it Nederlânsk of Stedfrysk in *u*, *ui* of *eu* hat en as yn dy talen it wurd in *o* of *oe* hat, dan yn it Frysk in *oe*. De tekoarten fan de regels út *De Fryske Boekstavering* wurde troch Van Blom foar in part opheind troch te stellen dat by twivel, 'gelijk ook bij verschil tusschen het Nederlandsch en het Stad-Friesch, ... de *û* den

7. Sipma (1913, s. 44) giet derfan út dat dy twa wurdjes mei in /u/ útsprutsen wurde en nimt se as apart gefal op yn syn oersjoch fan de regels foar it stavere fan de /u/. Sjoch fierder paragraaf 1.4.

voorrang (heeft), b. v. *boter*, Stad-Friesch *butter*, Friesch *bûter*' (s. 24). Dêrnei folget noch in neiere omskriuwing fan de regel foar it skriuwen fan de /u:/ yn de doetiid fan guon 'ongelijkvloeiende of sterke werkwoorden' mei *û*. Dy hawwe yn 'e doetiid *oe*, bygelyks *glûpe* (ynfinityf), *glûp*, (notiid) en *gloep* (doetiid) (s. 24-25). As lêste oanskerping fan de regels út *De Fryske Boekstaving* jout Van Blom noch oan dat de foarheaksels *on* en *ont* neffens de útspraak yn noardlik Fryslân, 'ook dikwijls, niet onjuist' mei *û* stavere wurde (s. 25).

1.3. Friesch Woordenboek 1900-1911

Yn de jierren 1900, 1903 en 1911 komme de trije dielen fan it *Friesch Woordenboek* út. De lemma's binne - sa skriuwt Waling Dykstra, de bewurker fan it wurdboek - neffens de regels stavere dy't it '*Frysk Selskip*' oannommen hie (Friesch Woordenboek, Eenige inlichtingen vooraf, V). Dat dy regels soms iepeningen foar twa staveringen beaën, komt dúdlik út yn it lemma en de njonkenfoarmen dy't by de yngong *troedel*⁸ jûn wurde: '*troedel*, *troel*, *troet*, ook *trûdel*, *trûl*, *trût* ... (Stadfr. *trut*). *Trûdel* kriget ek in eigen yngong, mei dêrby as njonkenfoarm *trûl*. Itselde is te sjen by *troedelje*, dêr't de foarm *trûdelje* efter stiet en by *troezich/trûzich* en *troes/trûs*. Lyksa giet it mei de staveringsfoarm *smoezje*, dat in eigen (ferwiis)artikel hat en by de yngong *smûz(j)e* ek noch in njonkenlemma kriget. It *Friesch Woordenboek* wykt ek wolris fan de regels fan 1879 ôf, want in foarm as *toeke* (Nederlânsk *tak* en Stedfrysk *toeke*) stiet allinnich as *tûke* yn it wurdboek.

Sokke dûbeldfoarmen en ôfwikingen litte sjen dat de regels fan 1879 iepen einen hiene en dêrtroch foar ûnwissens soargen, wat grif net de bedoeling fan it Selskip west hat.

1.4. Sipma 1913

P. Sipma jout yn 1913 yn syn *Phonology and Grammar of modern West Frisian* ek omtinken oan de stavering fan 1879. De opstellers fan dy regeling hiene besocht om de ûnderskate dialekten yn ien staveringsregeling ûnder te bringen en dêrom is neffens Sipma 'the Frisian orthography ... in

8. Yn de yngong *troedel* stiet 'Myn lytse troedel', in sitaat oernommen út it *Lexicon Frisicum* fan Joast Halbertsma. By de yngong *trûdel* stiet itselde sitaat, mar dan stavere as 'Myn lytse trûdel'. Yn Halbertsma's wurdboek stiet it sitaat ûnder it lemma *drudel*, as foarbyld en dan skreaun as 'lytse trudel', sûnder it besitlik foarnamwurd en sûnder dakje op de u (J.H. Halbertsma, *Lexicon Frisicum*. A-feer. Deventer 1872, kolom 760).

itself very inconsistent, and moreover ... often applied with equal inconsistency' (Sipma 1913, s. 42). Hy konstatearret dat gelikense lûden faak op ûnderskate wizen represintearre wurde, of dat deselde lettertekens brûkt wurde om ferskillende lûden wer te jaan. Ienlûden wurde geregeld werjûn mei twa tekens en komplekse lûden soms mei ien teken. Hy beslút de ynlieding op de stavering mei de opmerking 'the spelling of the sounds u, u:, u.ə, ũo for example is a muddle' (Sipma 1913, s. 42), en sa karakterisearret er tige goed de swierrichheden.

Sipma jout yn in gearfetsjend oersjoch fan de stavering fan 1879 earst de lûden en fan elk lûd dêrnei de lettertekens dêr't se mei stavere wurde en dat wer folge fan de regels:

De /u/ wurdt stavere mei de tekens:

oe	as it Nederlânske ekwifalint <i>o</i> , ⁹ <i>oe</i> hat: <i>droech, hoep, hoek</i>
û	as it Nederlânske ekwifalint <i>u, ui, eu</i> hat: <i>bûk, brûke, mûle</i>
ou	út âldere ¹⁰ <i>u</i> foar <i>n(d)</i> : <i>houn, groun, poun</i>
ow	allinne yn folslein mulwurd: <i>jown</i>
o	allinne yn de bywurden: <i>do, ho</i>

De /u:/ wurdt stavere mei de tekens:

oe	as it Nederlânske ekwifalint <i>o, oe</i> hat: <i>schoech, boek, doek</i> ¹¹
û	as it Nederlânske ekwifalint <i>u, ui, eu</i> hat: <i>bûge, tûzen, bûgel</i> . ¹²
ou	allinnich yn <i>goune</i>

(Sipma 1913, s. 44)

Troch fan de lûden út te gean en net fan de lettertekens is dizze skematyske werjefte fan de stavering gâns oersichtliker as dy fan *De Fryske Boekstavering*. Wat opfalt yn it skema is dat by de regels foar de tekens *û* en *oe* it Stedfrysk net neamd wurdt. Dat makket it makliker om te kiezen yn it gefal dat de beide talen net oerienstimme, en makket de neiere opmerking fan Van Blom, dat it Nederlânsk foar it Stedfrysk giet (Van Blom 1889, s. 24), oerstallich.

9. Op grûn fan it foarbyld *droech*, mei as Nederlânsk ekwifalint *droog*, mei oannommen wurde dat Sipma hjir *oo* bedoelt.

10. Mei 'âldere' wurdt hjir Aldfrysk bedoeld: *hund, grund, pund*.

11. Sipma jout hjir gjin Nederlânske foarbylden mei *oo* dy't yn it Frysk mei *oe* skreaun wurde.

12. Frysk *bûgel* is yn it Nederlânsk *bugel* (blaasynstrumint) en *beugel* (U-foarmige metalen bân).

2. De staveringswiziging fan 1945

2.1. De staveringskommisje fan de Fryske Akademy

It *Selskip for Fryske tael en skriftekennisse* hat mei de publikaasje fan *De Fryske Boekstaving* yn 1879 besocht om de saak fan de Fryske staving foar ienkear en altyd te regeljen (Sipma 1913, 42). Dat is lykwols net slagge, want yn 1945 is troch de Fryske Akademy in needsaaklike achte staveringsferienfâldiging trochfierd. Dy ferienfâldige staving krige de namme *Akademystaving* en hat oan 1980 ta funksjonearre.

De hjirfoar neamde tekoarten en ûndúdlikheden yn de Selskipsstaving, mar ek oare omstannichheden makken úteinlik dat de Ried fan de Fryske Beweging yn 1945 oan de Fryske Akademy frege om mei in ferienfâldiging fan de staving fan 1879 te kommen. Dêrta waarden as argumenten bybrocht: ‘de slimmens fen ’e biesteande staving en it feit dat der nei de oarloch nei alle wierskyn gâns nije boeken en werprintingen útkomme scille, ek op it gebiet fen it ûnderwiis’ (brief fan it Moderamen fan de ried fan de Fryske Beweging oan it Bistjûr fen ’e Fryske Akademy, d.d. 24-8-1944). De tiid wie ryp om de staving oan te pakken en om it bestjoer fan de Fryske Akademy te freegjen oft de Akademy it ek needsaaklik achte en oft in stavingsoanpassing helber wie.

It bestjoer fan de Akademy gong posityf yn op de fragen fan de Bewegingsried en stelde in kommisje yn dy’t bestie út dr. P. Sipma (foarsitter fan de Fryske Akademy en foarsitter fan de kommisje), Y. Poortinga (meiwurker fan de Fryske Akademy, skriuwer fan ’e kommisje), J.H. Brouwer,¹³ J.K. Dykstra, E.B. Folkertsma, J.J. Hof en H.K. Schippers. De opdracht oan de kommisje wie om mei in útstel ta ferienfâldiging te kommen. Dêrta hat de kommisje yn ’e simmer fan 1945 in tal gearkomsten belein en systematysk de staving mei útstellen ta ferienfâldiging besprutsen. De kommisje wie it der oer iens,

‘dat der forienfâldiging komme moast, mar hja is by har wurksomheden teffens fan it bitinken útgien, dat se net fierder gean moast as nedich wie, ommers itjinge yn ’e biesteande staving skreaun is, moast net ûnlêsber wurde’ (*Forienfâldiging* 1945, s. 3).

Yn it algemien ynliegend petear dat de kommisje yn syn earste gearkomste fierd hat, waarden de leden it deroer iens dat elk fan harren letter de hiele

13. Prof. dr. J.H. Brouwer wie wol as lid fan de kommisje frege, mar hy koe troch it ûntbrekken fan reisgelegenheid de gearkomsten net bywenje (*Forienfâldiging* 1945, s. 8). Brouwer wenne destiids yn Grins.

ferienfâldiging foarstean moatte soe. Om dat te berikken beheinde de kommisje him derta om net fierder te gean as dat nedich wie en woene se mei ienfâldige middels har doel berikke. Sa woene se gjin nije lettertekens derby meitsje en leaver ek gjin ekstra skerptekens ynfiere (*Ferslach*, 20-6-1945). De gearkomste sette dêrnei mei faasje útein om de stavering te besprekken en eventueel wizigingen yn de regels dêrfan oan te bringen.

De gearkomsten

De kommisje hie foar it earste besprek fan de ferienfâldigingen acht gearkomsten nedich. Yn de njoggende gearkomste, op 29 augustus 1945, waard begûn mei in twadde besprek, dêr't noch fragen of nije ynsjoggen yn oan 'e oarder kamen. Yn de tsiende gearkomste, op 5 septimber 1945, waarden de lêste puntsjes op de i set en besleat de kommisje ta de publikaasje fan de fêststelde feroaringen yn in lytse brosjure, dy't de namme *Ferienfâldiging fan de Fryske stavering* krige.

By it besprek kamen earst de regels foar it skriuwen fan de koarte ienlûden oan 'e oarder, dêrnei folgen de lange ienlûden, de twalûden, de trijelûden, de bylûden en de frjemde wurden. Der waard wurke neffens de nûmering dy't it *Lyts Frysk Wirdboek* yn it oersjoch fan de stavering oanhôld,¹⁴ de koarte /u/ hie dêrby nûmer 7 krigen en it lange /u/-lûd stie ûnder nûmer 17. Dy nûmering waard letter ek brûkt yn de *Ferienfâldiging fan de Fryske stavering*.

De stavering fan it /u:-/lûd

Hoewol't de kommisje yn prinsipe de koarte, lange en twalûden apart besprekke woe, waard de hiele û-kwestje yn de gearkomste fan 4 july yn ien kear behannele. Dat it oplossen dêrfan as needsaaklik oanfield waard, docht wol bliken út it brûken fan termen as 'kwestje' (Sipma), 'stroffelblok' en de konstatearring dat in oplossing 'bitterste needsaak' (Folkertsma, Schippers en Dykstra) wie.

De taalmannen wiene net ienriedich oer wat der oan de stavering fan it /u(:)/-lûd dien wurde moast. Sipma frege foarôf 'oft wy net forplichte binne yn dizze kwestje to brekken mei de histoaryske stavering en wirde mei deselde útspraak gelyk to skriuwen, dus om to sjen mei (sic) ien teiken for it koarte û-lûd.' Hof wie as 'practicus' behâldend en woe op inkelde útsûn-

14. It *Lyts Frysk Wirdboek* is neffens de titelside útkommen yn 1944. It setwurk wie yn dat jier al klear, mar troch de papierkrapte fanwegen de oarloch waard it boek ynearsten net printe. Yn de hjerst fan 1945 is it dochs noch útkommen, mar dus noch yn de Selskipsstavering.

deringen nei alles litte sa't it wie, 'om't wy oars to folle hea op 'e foarke nimme.'

Op útstel fan Folkertsma, Schippers en Dykstra, dy't de kwestje út it ûnderwiis en har sjoernalistike ûnderfining wei beseagen, waard it revolúsjonêre beslút nommen dat it 'lange en koarte ienlûd ... yn alle gefallen skreaun' wurde moast mei it teken *û*, wat ynholden hawwe soe dat der tenei *hûp, tûk, brûk, strûf, rûk, dû* ('jij' en 'toen'), *hû, tû, skûch, hûd, hûf, hûge, plûge*, skreaun wurden wie.

By wurden dy't earst mei *oe* skreaun waarden (*broek-brûk, boek-bûk, stoepe-stûpe*) fielden de mannen it beswier dat it ôfwike soe fan it bewende wurdbyld, mar dat neidiel woech neffens harren net op tsjin it foardiel dat by it learen fan de staveringsregel ûntstean soe. Nettsjinsteande Hof, dy't it wurdbyldargumint wichtiger achte as it didaktysk argumint en it beslút ôfrette, naam de kommisje de feroaring 'ynearsten' dochs oan (*Ferslach*, 4-7-1945).¹⁵

De û-kwestje like ynearsten oplost te wêzen, mar kaam yn de fjirde gearkomste, op 18 july 1945, wer oan 'e oarder by de behandeling fan de lange ienlûden. Yn de twadde gearkomste wie ôfptraat dat it lange /u/-lûd tenei ek mei *û* stavere wurde soe. It ferslach fan de fjirde gearkomste notearret lykwols: 'Nimmen is noch oer dizze oplossing rjucht foldien. Men kriget den ek nuvere doubletten: *plûgje - ploeije; rûgje - roeije; lûgje-loeije*'.¹⁶ De stavering fan de bûgingsfoarmen fan sterke tiidwurden mei in /u/ yn de ynfinityf soe in nuver byld jaan as notiid (koarte /u/), doetiid (lange /u/) en mulwurd (koarte /u/) alle trije mei in *û* skreaun wurde soene: *dûke, dûk, dûkt* en *krûpe, krûp, krûpt*. Neffens it ferslach fan de gearkomste is der gjin fierder beslút nommen en bleau de kommisje dus by de regel dy't yn 'e twadde gearkomste ôfptraat wie (*Ferslach*, 18-7-1945).

Yn de njoggende gearkomste, op 29 augustus 1945, begûnen de kommisjeleden oan in 'Twadde bisprek', dêr't guon ôfspraken nochris yn hifke waarden. By de twadde behandeling fan it koarte en lange /u/-lûd kaam oan it ljocht dat Sipma de 'konsekwinssjes fen de earste oplossing fen 'e û-

15. De kommisje behannele tagelyk mei de stavering fan it lange en koarte /u/-lûd ek de stavering fan it twalûd /u.e/ en syn brekkingsprodukt /u.o/. De kwestje fan it /u(:)/-lûd foar *n* waard net yn dizze gearkomste bepraat, mar tagelyk mei de lange ienlûden, yn de fjirde gearkomste, op 18 july 1945.

16. Yn de wurden mei *û* giet it om it lange ienlûd /u:/, yn de wurden mei *oeij* giet it om it twalûd /uj/ (dat de kombinaasje is fan it lange ienlûd /u:/ en it heallûd /j/, sjoch ek Taalportaal, *Complex vowel sequences* (<http://www.taalportaal.org/taalportaal/topic/pid/topic-14020545859282930>, rieplachte op 1-6-2018).

kwestje net oandoar'. Dêr sil er nei alle gedachten mei bedoeld hawwe dat de feroaringen tefolle ôfwike soene fan it besteande en bewende wurdbyld en dat de feroaring dan net foldie oan ien fan de grûnbetingsten dy't de kommisje foarôf steld hie, nammentlik dat wat yn de Selskipsstavering skreaun wie net ûnlêsber wurde moast.

Sipma stelde út om de histoaryske stavering oan te hâlden (en dêrmei dus ek de 'muddle' dy't er sels yn 1913 konstataarre hie). Hof, praktysk en behâldend as er wie, wie it dêr fansels mei iens. Schippers hold leaver it âlde útstel oerein. It ferslach jout dan oan dat de gearkomste it lykwols net oandoar 'om it histoarysk ûnderskie *û* - *oe* los to litten; hja hâlde it dus, howol hja witte dat dêrmei in part fen 'e swierrichheit bliuwt.'

Hof kaam dêrnei mei in útstel dat de 'ûnfêstens yn de stavering fan forskate wurden' ferdwine litte moast, ntl. 'om yn alle gefallen, dêr't net dúdlik in âldfryske lange o ta grounslach leit, in *û* te staverjen.' By wurden as *kûgel*, *bitûft*, *stûf*, *spûk* en *rûpelje*, soe dan helder wêze dat se net mei *oe* mar mei *û* skreaun wurde moatte soene. Dat útstel waard troch de kommisje oannommen.

Hof stelde ek út om de wurdjes *ho*, *do* en *to* tenei te staverjen as *hoe*, *doe* en *toe*. Sipma en Schippers wiene dêr op tsjin. Sipma miskien omdat it net oansleat by de histoaryske stavering en Schippers faaks omdat it net striek mei syn útstel om it koarte /u/-lûd altyd mei *û* te staverjen.

Sipma stelde fierders noch út om it opgeande twalûd /uo/ tenei inkeld mei *uo* te staverjen. Dat wie neffens guon ek yngripend, mar it waard dochs oannommen. Nei oanlieding dêrfan murk Schippers noch op 'dat de gearkomste de skriuwwize *brûk*, *dûk*, *bûk*, ensfh. to revolutionair achte', mar dat dit foarstel fan Sipma 'dochs like revolutionair is.' Nettsjinsteande dy opmerkingen wie dêrmei de feroaring fan stavering fan it /u(:)/-lûd in feit (*Ferslach*, 29-8-1945).

Utwurking

Yn 'e gearkomsteferslaggen binne allinnich de oerwagingen en besluten te finen en net de útwurke feroaringen.¹⁷ Dy steane yn de publikaasje *Forienfâldiging fan de Fryske stavering* dy't letter dat jiers útkommen is. Dat boekje sleat oan by de gearfetting fan de stavering yn it *Lyts Frysk Wirdboek I*, en joech allinnich de feroaringen en gjin folsleine beskriuwing fan de stavering. Om goed sicht te krijen op de regels en de wizigingen folget

17. De kommisje hat noch fan doel west om yn in wiidweidich rapport in ferantwurding te jaan fan de besluten (*Forienfâldiging* 1945, s. 3). Dat rapport is der foar safier't ik neigean kin net kommen. Yn de argyfstukken is der ek neat fan werom te finen.

hjrûnder earst it oersjoch fan de regels fan 1879 út it *Lyts Frysk Wirdboek* en dêr hieltyd op folgjend de wizigingen út *Forienfâldiging*:

Lyts Frysk Wirdboek

koarte ienlûden

7.

- a. *hoep, droech, stroef, roek*
- b. *hoepen, hoeke, droege, stoepe, stroefe*
- c. *tûk, slûch, slûgje, bûk, fûl*¹⁸
- d. *pûde, ûle, sûpe, bûse, fûgel*
- e. *do, do't, ho, ho't, to!*

by a. en b.: Stedfrysk of Nederlânsk *oo* of *oe*

by c. en d.: Stedfrysk of Nederlânsk *ú* of *ui*, mar útsûnderingen

noat by a. *hoep* en c. *tûk*: yn *hoep* en *tûk* dus itselde koarte ienlûd.

Forienfâldiging

De koarte ienlûden

7a, b, c, en d. It koarte ienlûd *û* wurdt as *û* stavere, bihalven wannear't it op in lange *o* tobek giet. Dus: *tûk, slûch, fûl, pûde, sûpe, bûse*, mar: *hoep, droech, stroef, roek, hoeke, stoepe*. As it net oan to wizen is of net oannommen wurde moat, dat in wurd tobek giet op in âldfryske lange *o*, dan wurdt altyd *û* stavere. Dus tonei b.g. *stûf, bitûft, rûpelje, rebûlje, fûterje*.

Lyts Frysk Wurdboek

Lange ienlûden

17.

- a. *schoech, loech, hoef*,¹⁹ *ploegje*²⁰
- b. *ploege, koeke, boegen*
- c. *hûd, sûch, brûs, rûzje*
- d. *sûge, gûle, rûze, tûzen*

by a. en b.: yn it Nederlânsk *oe*

by c. en d.: yn it Stedfrysk *ú*, yn it Nederlânsk *ui* of *eu*

noat by a. *schoech* en b. *hûd*: yn *schoech* en *hûd* dus itselde ienlûd; fgl. 7.

18. *fûl* wurdt neffens de gongbere wurdboeken realisearre mei in koart /u/-lûd en stiet dêrom hjir grif ek by de koarte ienlûden. It wurdt lykwols ek wol mei in lang /u/-lûd realisearre; foar de stavering makket dat neat út.

19. De *oe* yn *hoef* wurdt koart útsprutsen en soe winliken by de koarte lûden hearre.

20. De *oe* yn *ploegje* wurdt ek koart útsprutsen.

*Forienfâldiging***De lange ienlûden**

17a, b, c en d. It lange ienlûd *û* wurdt *û* stavere, bihalven hwannear't it op in âldfryske lange *o* tobek giet. Dus: *hûd, sûch, brûs, gûle, rûze*, mar *skoech, loech, hoef, ploege, koeke*. As it net oan to wizen is of net oannommen wurde moat, dat in wurd tobek giet op in âldfryske lange *o*, dan wurdt altyd *û* stavere. Dus tonei b.g. *kûgel, tûgel*.

2.2. *Kommentaar*

Yn it rychje foarbylden fan wurden dy't mei *oe* stavere wurde moatte om't de /u(:)/ tebekgean soe op in Aldfryske lange *o*, steane de wurden *droech* en *stroef*. Der kin oan twivele wurde oft dy wol mei *oe* skreaun wurde moatte. *Droech* kaam yn it Aldfrysk foar as *drōch* mar ek as *drūch*, dat mooglik in âldere foarm is. *Stroef* is net oerlevere, mar it is net oan te nimmen dat it yn it Aldfrysk as **strōf* bestien hat.²¹

De oanpaste regel foar it skriuwen fan it /u(:)/-lûd hold foar folle mear wurden in wiziging yn as neamd yn it boekje *Forienfâldiging*. Ek bygelyks *floep, stoet, boem, boemel, koekeloere, koepel, loebes, poep, poes, smoel* en *troef* soene tenei mei *û* stavere wurde moatte: *flûp, stût, bûm, bûmel, kûke-loere, kûpel, lûbes, pûp, pûs, smûl, trûf*, allegearre wurden dy't falle ûnder de regel dat it net oan te wizen of oan te nimmen is dat se yn it Aldfrysk in lange *o* hiene. Foar it wurdbyld hie de oanpassing dus aardich wat mear konsekwinsjes as dat bliken docht út de foarbylden yn it gearkomsteferslach fan 29 augustus en yn *Forienfâldiging*.

De 'forienfâldiging' fan de regel foar it staverjen fan it /u(:)/-lûd gong net sa fier dat der noch mar ien teken foar dat lûd oerbliuwe soe. De kommisje doarst it úteinlik net oan om hjir yn te gripen. It resultaat fan de nije regel wie dat de Fryskskriuwers om út te meitsjen oft in wurd mei *û* of *oe* stavere wurde moatte soe no net mear nei it Nederlânsk en Stedfrysk hoegden te sjen. De nije regel wie wol ienfâldiger yn formulearring, mar de tafoeging dat nei it Aldfrysk sjoen wurde moast foar de kar fan *oe* of *û* wie likegoed dreech en faaks noch dreger. Men moast dêrfoar kennis hawwe fan it Aldfrysk of in Aldfrysk wurdboek opslaan. Foar de 'gewoane' Fryskskriuwer (en de measte Fryskskriuwers binne dat) is it net realistysk om derfan út te gean dat se dy kennis en/of sa'n wurdboek hawwe.

21. M. Philippa e.a. (2003-2009) Etymologisch Woordenboek van het Nederlands, s.v. *droog, stroef* (<http://www.etymologiebank.nl>, rieplachte op 5-6-2018).

2.3. *It ynfieren fan de staveringswiziging*

De Akademystavering is yn 'e hjerst fan 1945, daliks nei it útkommen fan *Forienfâldiging*, trochfierd. Sa stiet yn it earste nei-oarlochske nûmer fan *It Beaken* (novimber 1945) yn de ûndertitel 'Meidielingen fan de Fryske Akademy' it wurd *fan*, dat earder noch as *fen* skreaun waard. Op 'e selde side stiet it wurd *sil* sûnder *c*, wat ek ferriedt dat de staveringsoanpassing trochfierd wie.

Om de staveringsferienfâldiging ta te ljochtsjen en om gelegenheid te jaan ta it stellen fan fragen, holden de staveringskommisje en de Fryske Akademy op 10 novimber 1945 in 'ynljochtsjende Gearkomste' (*Stim* 2-11-1945, *Frysk en Frij* 2-11-1945). Sipma en Hof fersoargen yn dy gearsit elk in ynlieding oer de stavering en der wie gelegenheid ta it dwaan fan fragen. Yn *De Stim* fan 16 novimber stie in koart ferslach fan de gearkomste, dêr't oer de ynhâld fan de jûn net mear yn sein waard as dat der op de ynliedingen fan Sipma en Hof drok ynfrege waard, 'foaral oer de uo-kwestje'²² (*Stim* 16-11-1945). Yn *Frysk en Frij* fan 16 novimber stie ek in koart ferslach fan de gearkomste, dêr't fan de ynlieding fan Sipma en Hof sein waard dat der 'al hwat krityske wurden en ek wol fragen op folgen.' It berjochtsje sleat dermei ôf dat it 'ús, fan 'e kranten ... tige tafallen (is), dat de nijekeap der sa glêd yngiet' (*Frysk en Frij*, nû. 26, 16-11-1945).²³ Oer de yngripende wiziging oangeande de stavering fan it /u(:)/-lûd is blykber net sadanich praat dat der yn it ferslach wat oer skreaun wurde moast.

Frysk en Frij, in nij blêd, dat op 25 maaie 1945 foar it earst útkaam, skreau yn it nûmer fan 5 oktober 1945 ûnder de kop 'Us nije stavering' dat mei yngong fan it nûmer fan 12 oktober alles 'nij' wêze soe. De meiwurkers krigen it minlik fersyk oft se harren 'nou ek op dat bytsje nije útlizze' woenne, 'oars krije wy sa'n bloedigen wurk by it foroarjen ...'. Mei yngong fan it folgjende nûmer waard as gefolch dêrfan yn de ûndertitel 'Nijblêd for it Fryske Folk' it wurd *for* feroare yn 'foar' (*Frysk en Frij*, nû. 21, 12-10-1945). Dat it blêd sa gau op de nije stavering oergie, hie der grif mei te

22. Bedoeld wurdt dat de brekking fan it delgeande twalûd /u.ə/ ta /uə/ tenei ek yn 'e stavering werjûn waard.

23. Yn de folgjende jefte fan *Frysk en Frij* sette Hof mei in rige artikels útein ûnder de titel *Staveringsleed en -wille*. Yn de earste ôflevering giet er yn op it feit dat der foar it /u(:)/-lûd twa tekens binne. Hy giet net yn op de nije staveringsregel dêrfoar, mar besjocht it histoarysk: it 'Hollânsk' hat ús opskipe mei de 'saneamde oe-û-kwestje, - dêr't noch gjin staverings-kommisje ea in goede oplossing foar foun hat.' (*Frysk en Frij*, 23-11-1945).

meitsjen dat de beide redakteuren, J.J. Hof en J.K. Dykstra, yn de kommisje foar de staveringswiziging sieten.

Lykas *Frysk en Frij* gie ek *De Stim fan Fryslân, Kristlik Frysk Wykbled*, ûnder haadredaksje fan kommisjelid Folkertsma, yn oktober 1945 oer op 'e Akademystavering. Yn in oprop oan de meiwurkers stie: 'Scille wy for ôfspritsen hâlde dat wy fen nou ôf oan ús stikken for de Stim skriuwe yn de nije stavering? It nûmer fen nije wike (te witten it nûmer fan 26 oktober, HS) forskynt dêryn.' (*Stim* 19-10-1945). Yn de namme fan it blêd wizige ek mei yngong fan dyselde datum it ferhâldingswurd 'fen' yn 'fan'.

De nije stavering yn De Stim en Frysk en Frij

De Stim fan Fryslân en *Frysk en Frij* hiene dus konkreet oanjûn dat se oergean soene op de nije stavering. Om te sjen wat beide blêden dien hawwe mei de nije regel foar it staverjen fan it /u(:)/-lûd, haw ik fan elk blêd de earste twa nûmers dy't yn de Akademystavering útkommen binne, útpluze op de skriuwzide fan dat lûd. Fan *Frysk en Frij* wiene dat de nrs. 21 en 22, fan 12 en 19 oktober 1945 en fan *De Stim* de nûmers 746 en 747, fan 26 oktober en 2 novimber 1945. De útkomst is dat alle 27 unike wurden dêr't in *û* yn stiet, stavere binne neffens de regels. By de wurden dy't mei *oe* skreaun binne, is it byld lykwols oars, want fan de 17 oantroffen wurden hiene op grûn fan de nije regel 8 mei in *û* stavere wurde moatten. It giet dêrby om de wurden *betoeft*, *foech*, *groep*, *poep*, *proef*, *sloep*, *toets*, *troepen*. Op *bitoeft*²⁴ nei allegearre wurden dy't ûnder de âlde regels ek mei *oe* skreaun waarden. De blêden hâlde inoar wat dit oangiet yn it lykwicht, de oantroffen foarmen mei *oe* komme yn beide útjeften foar, ek yn de stikken dy't skreaun of redigearre binne fan de kommisjeleden Folkertsma en Poortinga (beide yn *De Stim*), en Hof en Dykstra (beide yn *Frysk en Frij*).

It kin fansels wêze dat de oergong yn de hjerst fan '45 wat oanrin-swierichheden joech en dat dêrom net alle wizigingen yn ien kear trochfierd waarden. Dêr kin lykwols oan twivele wurde, want oare staveringsoanpassingen binne wol trochfierd: foarmen as *scille* of *twisken* komt men net mear tsjin.

24. *Bitoeft* giet tebek op Jiddysk *betoech* (<http://www.etymologiebank.nl/trefwoord/betjoecht>, rieplachte op 3-4-2018). Yn de njoggentjinde iuw en de earste helte fan de tweintichste komt it yn gâns boarnen foar as *bitûft*, inkeldris *bitoeft*. It wurdt stiet net yn it *Friesch Woordenboek 1900-1911*. Yn it *Lyts Frysk Wirdboek* wurdt by it lemma *bitoeft* ferwiisd nei *bitûft*. *Frysk Wurdboek N-F 1952* hat by de Nederlânske lemma's *schrande* en *slim* de oersetting *betûft*. *Frysk Wurdboek F-N 1956* hat ek *bitûft*. Neffens de regels fan 1945 soe it *betûft* wêze moatte.

De nije stavering yn De Pompeblêdden

Yn de hjerst fan 1945 komt *De Pompeblêdden*, *Tydskrift foar Fryske stúdzje* wer út, nei't de útjefte yn 1944 stilfallen wie. E.B. Folkertsma, lid fan de staveringskommisje en ien fan de bestjoerders fan it blêd begjint daliks yn it earste nûmer mei in twadielige rige oer de staveringsferienfâldiging, ûnder de titel *De nije stavering by de âlde*. Hy jout in yndieling neffens skriuwtekens, mei hieltyd foar elk teken in nust foarbylden mei de oantekening dat it gelyk bliuwt of dat it wizige is. Troch dy yndieling yn skriuwtekens binne de behanneling fan *oe* en de *û* (krekt as yn *De Fryske Boekstavering*) faninoar skaat en wurde se elk op in aparte side, mei in eigen rangnûmer behannele:

5. *oe* midden yn in wurdlied of op 'e ein mei *koarte* útspraak: *hoep*, *hoeke*, bliuwt gelyk;
midden yn in wurdlied of op 'e ein mei *lange* útspraak: *skoech*, *ploege*, bliuwt gelyk.

- ...
7. *û*²⁵ midden yn in wurdlied of op 'e ein mei *koarte* útspraak: *fûl*, *bûse*, bliuwt gelyk;
midden yn in wurdlied of op 'e ein mei *lange* útspraak: *brûs*, *gûle*, bliuwt gelyk.

(E.B. Folkertsma, *De Pompeblêdden* XVII, 1944/45, nr. III, s. 27, 28).

It aparte yn dit oersjoch is dat Folkertsma oanjout dat der neat feroare is yn 'e skriuwwiize fan it /u(:)/-lûd en hy seit ek neat oer de regels om ta de goede stavering te kommen. Blykber is Folkertsma derop wiisd, of hat er it sels ek sjoen, want yn de twadde ôflevering fan *De nije stavering by de âlde* komt er yn in taheakke derop werom. No set er beide tekens wol byinoar, mear yn regelfoarm, mei in taljochting oer wannear't foar *û* of foar *oe* keazen wurde moat:

Foar de dúdlikheit bihannelje wy de kwestje *û* - *oe* - *uo*²⁶ hjir noch ris byinoar ...

- a. It *koarte lûd* staverje wy op twa manearen: mei *û* of *oe*.
b. It *lange lûd* staverje wy allyksa op twa manearen: mei *û* of *oe*.

...

25. Under 7. behannelet Folkertsma ek de *u*, *ue* en *ú*, dat is hjir weilitten.

26. Hjirnei is weilitten wat Folkertsma seit oer de stavering fan de twalûden /u.ə/ en /uo/, sjoch noat 2.

Foarbylden:

a. *fûl, slûch, rebûlje; droech, hoep, stroef.*

b. *gûle, brûs, rûzich; loech, ploege, skoech.*

‘Hoenear skriuwe wy yn ’e gefallen *a, b* ... nou *û*, en hoenear *oe*?’

Dat is in kwestje fan etymology. Mei oare wurden, hwa’t gjin Aldfrysk ken, dy moat it oannimme op gesach. En dy bikende forgeliking mei it Hollânsk, nou, dat is ek mar frijhwat in wippelich brechje, net ûnaerdich ezelsbrechje neamd. Der is foar ús, net wittenskiplike lju, mar ien royale wei op: men moat it leare troch it altyd wer to sjen en to skriuwen.’

(*De Pompeblêdden XVII*, 1944/45, nr. IV, s. 41-43).

Hoewol’t Folkertsma yn dizze as ferdúdliking bedoelde taheakke wol it Aldfrysk neamt as it op it ûnderskied tusken *û* en *oe* oankomt, jout er de regel net wannear’t foar it iene of it oare teken keazen wurde moat. It moat neffens him ‘op gesach’ oannommen wurde, dêr’t er nei alle gedachten wurdboeken of wittenskippers mei bedoelt. Hy jout oan (of ta?) dat de regel foar ‘ús, net wittenskiplike lju’ net ta te passen is en dat it troch te sjen nei en it neiskriuwen fan foarbylden (mar dan moatte dy wol neffens de regel stavere wêze, HS), op it ûnthâld ôf moat. De ferliking mei it ‘Hollânsk’ is neffens Folkertsma ‘wippelich’, mar hy jout net dúdlik oan oft dy noch in plak hat yn de beregeling; it hie helderder west as er sein hie, dat it sjen nei it Nederlânsk en it Stedfrysk net mear nedich wie, want dat wie ommers de bedoeling fan de nije regel! It slagget de ûnderwizer Folkertsma, nota bene lid fan de staveringskommisje, net om de nije regel foar it staverjen fan it /u(:)/-lûd helder wer te jaan.

De nije stavering yn ’e Akademywurdboeken

De konstataarring dat de blêden de nije *oe/û*-regel net folgen, makket jin nijsgjirrich nei hoe’t dy regel fierder beskreaun en tapast is yn de wurdboeken, learboeken en grammatika’s tusken 1945 en 1976.²⁷

It earste wurdboek dat nei de oarloch beskikber kaam, wie de twadde printinge fan it *Lyts Frysk Wirdboek*. Yn de ynliding fan it wurdboek stiet in gearfetting fan de Selskipsstavering, mei dus ek de âlde regels foar it staverjen fan it /u(:)/-lûd. In pear siden nei dat oersjoch stiet in taheakke en dêryn wurde de feroaringen yn de stavering oanjûn (*Lyts Frysk wirdboek*, s. 9-10). It aparte is dat yn dy taheakke de wizigingen foar it staverjen fan it /u(:)/-lûd net neamd wurde, útsein dat *do, ho* en *to* tenei as *doe, hoe* en *toe*

27. Yn 1976 besleaten Provinsjale Steaten de stavering te wizigjen, in wiziging dy’t yn 1980 yngien is. Sj. dêrfoar paragraaf 4.

skreaun wurde moasten. It wurdboek sels brûkte noch de âlde selskips-stavering om't it setwurk al yn 1943-'44 klearmakke wie (sj. noat 14).

Yn it *Frysk Wurdboek, twadde diel: Nederlânsk-Frysk*, dat yn 1952 útkomt, skriuwe de gearstallers (neist H.S. Buwalda en G. Meerburg, ek kommisjelijd Y. Poortinga), dat dit it earste wurdboek is, 'hwerby foar it Frysk de forienfâldige stavering brûkt is, dy't hjerst 1945 troch in kommisje fan de Fryske Akademy ûntwurpen is en sûnt algemien yngong foun hat' (*Frysk wurdboek 1952*, foarwurd).

Ut in lytse stekproef docht bliken dat net alle wurden dy't fan rjochten mei *û* stavere wurde moatte, yn dit wurdboek op dy wize skreaun binne. Yn it folgjende oersjoch stiet in rychje foarbylden fan sokke wurden. Yn de earste kolom stiet de foarm sa't er wêze moatten hie, yn de twadde kolom de foarm sa't er yn it wurdboek stiet. Tusken heakken de Nederlânske lemma's dêr't it Fryske wurd de oersetting fan is, en de foarm dy't yn it *Friesch Woordenboek 1900-1911* stiet.

Neffens regel 1945	Wurdboek 1952
dûzelje	doezelje (duizelen, FW: dûzelje)
kûkeloere	koekeloere (koekeloeren, FW: koekeloere)
kûpel	koepel (koepel)
kûstdy	koestdy (koest, interj., FW: koes adv.)
kûts	koets (koets, FW: koets)
pûdel	poedel (poedel)
pûdelje	poedelje (poedelen) ²⁸
pûf	poef (poef)
pûs	poes (poes, FW: poes)
pûts	poets (poets)
spûk	spoek (spook, FW: spoek)
trûbel	troebel (troebel, FW: troebel)
trûf	troef (troef, FW: troef)

It wurdboek jout lykwols ek foarmen mei it /u(:)/-lûd dy't wol neffens de regels mei it teken *û* stavere binne. Guon dêrfan binne omstavere neffens it *Friesch Woordenboek 1900-1911*, oaren hiene al in *û*. Yn it folgjende oersjoch steane in stikmannich foarbylden fan sokke gefallen. Earst komme de Fryske wurden, tusken heakken de Nederlânske lemma's dêr't de Fryske

28. It *Friesch Woordenboek* hat de foarm *pûdelje* mei as betsjutting 'onttroggelen', mar net yn 'e betsjutting 'baaie, waskje'. Om't it Nederlânsk gjin kognaat hat fan *pûdelje* (onttroggelen), wurdt yn it Nederlânsk-Frysk wurdboek *poedelen/poedelje* jûn yn de betsjutting fan 'baaie, waskje'.

wurden de oersetting fan binne, en dan de foarm dy't yn it *Friesch Woordenboek 1900-1911* stiet.

Wurdboek 1952

bûter (boter, FW: bûter)

fûterje (foeteren, FW: fûterje)

kûgel (kogel, FW: koegel)

rûzemoezje (roezemoezen, FW: roezemoesje, mar ek: rûzemoezich)

pûske (katje, FW: poeske, as ferlytsingsfoarm by poes)

smûsje (smoesje, FW: smûsje)

smûz(j)e (soezen, FW: smoezje, v. smûzje, z.d., Fierder: smûz(j)e, smoez(j)e)

sûs (soes, 'gebakje', FW: sûskreakeling)

tûke (tak, FW: tûke, 'Vgl. *toeke* en *tokke*')

tût (toet, FW: toet, tûte)

Wat yn de beide listkes opfalt, is dat de measte Fryske oersettingen (kolom **Wurdboek**) deselde skriuwwize hawwe as dy yn it *Friesch Woordenboek 1900-1911*, foar safier't de wurden dêr yn steane. It Nederlânsk-Frysk wurdboek slút hjir dus oan by de bewende skriuwwizen neffens de staveringsregels fan 1879. It liket der no ek wer op dat de redakteuren net tefolle ôfwike woene fan it bekende wurdbyld.

By de stavering fan it eigenskipswurd *stûf/stoef* wisten de redakteuren (en korrektoaren) blykber net mear hoe't it moast. It eigenskipswurd komt yn beide staveringen foar as oersetting fan Nederlânske ekwifalinten. By de lemma's *bars* en *stuurs* wurde sels beide foarmen neamd:

Nederlânsk

bars

inspanning (met inspanning)

straf (adj.)

stug

stuurs

te (te erg, hevig, vermoeiend, zwaar)

wurdboek 1952

stûf, stoef

stoef

stoef

stoef

stûf, stoef (mar yn 'stuurs persoan': *in stoefert*, net *in stûfert*)

te stoef, stoefernôch

Yn 1956, fjouwer jier nei it Nederlânsk-Frysk wurdboek, ferskynt it Frysk-Nederlânske diel, ek gearstald fan Buwalda, Meerburg en Poortinga. De gearstallers neame yn it foarwurd dat alles jûn wurdt 'yn 'e gongbere stavering' (*Frysk Wurdboek 1956*, s. 5). Wy meie dus oannimme dat se de

wizigingen fan 1945 tapasse, ynklusyf de regels foar it staverjen fan it /u(:)/-lûd.

Yn it folgjende oersjoch steane ûnder **Wurdboek 1952** deselde wurden as hjirboppe. Under **Wurdboek 1956** wurdt werjûn hoe't se yn dat wurdboek opnommen binne. Yn 'e earste kolom **Neffens regel 1945** stiet de foarm sa't er neffens de regel fan 1945 wêze moatten hie:

Wurdboek 1952	Wurdboek 1956	Neffens regel 1945
doezelje	dûzelje	dûzelje
koekeloere	koekeloere	kûkeloere
koepel	koepel	kûpel
koestdy	koestdy	kûstdy
koets	koets	kûts
poedel	-	pûdel
poedelje	pûdelje ²⁹	pûdelje
poef	-	pûf
poes	poes	pûs
poets	poets	pûts
spoek	spoek	spûk
troebel	troebel	trûbel
troef	troef	trûf

Yn dizze lytse stekproef falt op dat de gearstallers by it staverjen fan de wurden mei in /u(:)/-lûd út en troch in oare kar makke hawwe as yn 1952. De lemma's *dûzelje* en *pûdelje* binne sadwaande yn oerienstimming mei de regels brocht, mar yn fierwei de measte gefallen wurdt der by de Nederlânske stavering oansletten.

By de wurden dy't yn it Nederlânsk-Frysk wurdboek terjochte mei in *û* stavere binne, hawwe de skriuwers fan it diel Frysk-Nederlânsk soms ek in oare kar makke:

Wurdboek 1952	Wurdboek 1956
bûter	bûter
fûterje	fûterje
kûgel	kûgel
rûzemoezje	rûzemuoazje ³⁰

29. Under it lemma *pûdelje* wurde yn dit wurdboek de betsjuttingen 'wassen, baden', en 'aftroggelen' beide neamd. Foar de earste betsjutting wurdt de Nederlânske oersetting *poedelen* jûn.

pûske	poeske
smûsje	smoesje, smûsje
smûz(j)e	smûze, smûzje
sûs	soes ('gebak')
tûke	tûke
tût	toet, tût

By *smoesje/smûsje* en *toet/tût* is te'n ûnrjochte foar twa foarmen keazen, it hie ta kinnen mei *smûsje* en *tût* allinnich. De wurden *pûske* en *sûs* wiene yn it Nederlânsk-Frysk wurdboek wol goed stavere, mar waarden yn it Frysk-Nederlânske diel 'verschrombessere' ta *poeske* en *soes*.

De nije stavering yn grammatika's en learboekjes

Doe't yn de jierren nei 1945 der wer mear papier beskikber kaam, ferskynden der nije learboekjes en grammatika's om de stavering te ûnderrjochtsjen. It earste staveringsboekje mei dêryn de nije regels ferwurke, ferskynde noch yn 1945. Under de titel *Net twisken mar tusken* joegen D. Nieuwenhuis en E. Wyga 'in dúdlik en folslein oersjoch fan de Fryske stavering, sa't dy nei de forienfâldiging wurden is' (Nieuwenhuis en Wyga 1945, omslach).³¹ Yn it boekje waard hieltyd útgien fan de lûden en by elk lûd stiene foarbylden dy't lûdop lêzen wurde moasten en dêrnei folge dan de regel foar de stavering fan it oanbelangjend lûd. Foar it /u(:)/-lûd joegen se dizze regel:

'It lûd yn dizze wurden is lang of koart; wy staverje it mei **û**, bihalven as in wurd op in lange o tobek giet, dat wol sizze, as in wurd yn it âld-Frysk mei in lange o útsprutsen waerd.

Opmerking: Wurden as **stûf**, **bitûft**, **rûpelje**, **rebûlje**, **fûterje**, **kûgel** ensf. wurde mei **û** skreaun (foarhinne ek wol mei **oe**)' (Nieuwenhuis en Wyga 1945, s. 6-7).

Ynhâldlik komt dy regel fierhinne oerien mei dy yn *Forienfâldiging*. Yn de opmerking fan Nieuwenhuis en Wyga wurdt net sein dat de staveringsferoaring yn 'e dêr neamde wurden it gefolch is fan de tafoeging út *Forien-*

30. Hjir falt op dat yn it wurdboek 1952 de de net-brutsen foarm *-moezje* jûn wurdt, wylst yn wurdboek 1956 de brutsen foarm *-muozje* stiet.

31. Op it kaft fan it boekje stiet 'Neisjoen fan J.J. Hof'. Oer dy meiwurking fan it kommisjelid Hof hat noch spul west yn de staveringskommisje. Noch ear't de kommisje mei syn resultaten nei bûten kaam, waard nammentlik al advertearre foar it boekje. Yn dy advertinsje waard neamd dat Hof meiwurkje soe. De staveringskommisje woe lykwols net dat it publyk tinke soe dat de Fryske Akademy de 'publisearring opdroegen hat oan Nieuwenhuis en Bouma'. Hof helle de kjeld út 'e loft mei it sizzen dat er allinnich mar tasein hie om listen mei wizigingen nei te sjen (*Ferslach*, 5-9-1945).

fâldiging, dat as it net oan to wizen is of net oannommen wurde moat, dat in wurd tebek giet op in Aldfryske lange *o*, dat dan altyd *û* stavere wurdt (*Forienfâldiging* 1945, s. 4, 5). Ymplisyt bedoele de auteurs nei alle gedachten wol dat soks komt fan de regelwizinging.

Yn 1948 publisearre dr. P. Sipma it earste diel fan syn rige grammatikalearboekjes *Ta it Frysk*, mei dêryn ûnder oaren in oersjoch fan de Fryske stavering. Yn aparte paragrafen beskriuwt Sipma de stavering fan de koarte en lange lûden. Hy slút dêrby oan by de nûmering fan it *Lyts Frysk wurdboek* en de *Forienfâldiging fan de Fryske stavering*. Fan elk lûd jout er in rige foarbylden, dy't ek werom te finen binne yn beide publikaasjes. Yn as noaten nûmere opmerkingen jout er ferdúdlikingen en regels by de keazen tekens en foarbylden. Dy opmerkingen steane apart fan de foarbylden, foar in better oersjoch binne hjirûnder de foarbylden en opmerkingen gearfoege.

koarte ienlûden

tûk, bûk, slûch, fûl, stûf

sûpe, ûle, pûde, fûgel, rûke

droech, hoep, boek, doek

doe, hoe, toe; hoeke, stoep
doeken**opmerkingen**

yn wurden, dêr't meast de *û* oarspronklik is (koart of lang); faek kenber oan Stedfrysk *ú* of *eu*, Nederlânsk *ui* (mar útsonderingen); meast allinne op it onthâld ôf to learen

yn iepen wurdliiden;³²

yn wurden, dêr't meast de *û* oarspronklik is (koart of lang); faek kenber oan Stedfrysk *ú* of *eu*, Nederlânsk *ui* (mar útsonderingen); meast allinne op it onthâld ôf to learen;

yn wurden, dêr't meast de *û* op in lange *o* tobekgiet; faek to kennen oan Nederlânsk *oo* of *oe*; ek hjir wer meast op it onthâld ôf to learen;

yn iepen wurdliiden;

yn wurden, dêr't meast de *û* oarspronklik is (koart of lang); faek kenber oan Stedfrysk *ú* of *eu*, Nederlânsk *ui* (mar útsonderingen); meast allinne op it onthâld ôf to learen;

32. It sletten en iepen wêzen fan wurdliiden docht der by de stavering fan it /u(:)/-lûd net ta. Sipma sil dat hjir lykwols neamd hawwe omdat de ûnderskate noaten/opmerkingen ek foar oare lûden jilde, dêr't it foar de stavering wol útmakket (bgl. *i* foar it lange én koarte lûd (yn iepen wurdliid), *y* allinnich foar it koarte lûd (yn sletten wurdliid)).

lange ienlûden

lûd, hûd, krûd, hûs, mûs, rûzje	yn sletten wurdlidden; de <i>û</i> fan âlds oerlevere; yn it Nederlânsk <i>ui</i> ;
skoech, loech, loegje, roef, ik loek, ik stoep	yn sletten wurdlidden; de (sprutsen) <i>û</i> giet tobek op in lange o; yn it Nederlânsk <i>oe</i>
ploege, loege, wy loeken, wy stoepen	yn iepen wurdlidden; de (sprutsen) <i>û</i> giet tobek op in lange o; yn it Nederlânsk <i>oe</i>

(Sipma 1948, s. 62-63, 64-65)

Wat opfalt, is dat Sipma de haadregel foar it staverjen fan it /u(:)/-lûd net neamt. Wol skriuwt er by de foarbylden mei *oe* dat de *û* (bedoeld sil wêze it lûd ‘û’, HS) meast tebek giet op in lange o, mar dat dat in Aldfryske lange o is, seit er net. Miskien om de lêzer en learder te skewielen by it learen ferwiist er wol wer nei it Nederlânsk en Stedfrysk, mar dat jout, omdat er it formulearret as ‘faek kenber oan’, blykber net altyd útslútsel. Wat Sipma hjir as helpmiddel jout, wurdt (sa’t hjirnei noch oan ’e oarder komt) letter lykwols wer regel. Dat it dreech is om mei help fan dizze regels út te meitsjen oft in wurd mei *û* of *oe* skreaun wurde moat, docht wol bliken út it feit dat Sipma fjouwer kear opmerkt dat it ‘meast allinne op it onthâld ôf to learen’ is. Troch de staveringsregels ûndúdlik en mei iepen eienen te beskriuwen, soarge Sipma derfoar dat stavering fan it /u(:)/-lûd in ‘muddle’ bleau, wylst de wiziging fan 1945 dêr no just dúdlikens jaan woe.

Yn oare staveringslearboekjes dy’t yn de jierren 1945-1950 útkomme, wurdt oangeande it /u(:)/-lûd meast weromgrypt op de regels en oanwizingen dy’t de Selsskipsstavering jout en wurdt de regel fan de Akademystavering net neamd. In foarbyld dêrfan fine wy yn it *Nij Frysk Staveringboekje foar leargongen en selsstúdzje* út 1946, dêr’t de auteur S.W. Douma³³ skriuwt: ‘hat it Hollânsk *oo* of *oe*, dan hat it Frysk meastentiids *oe*, oars *û*. Mar: *bûter* en *fûgel*.’ (Douma 1946, s. 4).

Master Hindrik Twerda jout yn *Koart en Klear, Frysk staveringsboekje* in rychje foarbylden fan koarte en lange *û*-, *oe*- en *ou*-wurden: ‘de *ou* stiet allinne foar de n. Oars *û* of *oe*’, mar, seit Twerda dêrby: ‘Hjir is gjin rigel foar to jaen’, wat dus net wier is. Om’t Twerda de regel net jout, skewielt er

33. De auteursnamme S.W. Douma is in pseudonym fan S.R. Sipma, oant 1945 ferbûn oan *De Pompeblêdden, Tydskrift for Fryske studzje*. Nei de oarloch moast er syn redaksjelidmaatskip dellizze.

de learder as help by it staverjen fan it /u(:)/-lûd mei it sizzen, dat gâns wurden mei *û* yn it Hollânsk *ui* of *uu* hawwe en dat gâns wurden mei in *oe* yn it Hollânsk ek in *oe* hawwe (Twerda 1948, s. 31).

Douwe Kalma jout krekt as Twerda gjin regel. Yn it fan him opstelde *Frysk Staveringsboekje* fan 1950 skriuwt er:

‘hoenear de *oe* en hoenear de *û* skreaun wurde moat, moatte wy fan ús ûnthâld ha, mar lyk as wy seagen, kin gauris it Hollânske wurd ús hjirby helpe (*droech* - *droog*, *rûch* - *ruig* ...). Mar it kaem net altyd út: *bûter*; *fûgel*’ (Kalma 1950, s. 6).

It oanheljen fan it Nederlânsk helpt hjir ek net sa goed, om’t Kalma net eksakt oanjout hokker Nederlânske lûden oft meitsje dat men in *oe* of in *û* kieze moat. De opmerking dat it by *bûter* en *fûgel* net útkomt, hinget sadwaande wat los yn ’e loft. Hjir hie er better ferwize kinnen nei de Akademystavering, dy’t ommers yn dit gefal foarskriuwt dat de korrekte stavering dy mei in *û* is.

2.4. Kommentaar

De blêden, wurdboeken en de learboekjes geane yn 1945 en dêrnei wol oer op de Akademystavering, mar de measten passe de regel foar it staverjen fan it /u(:)/-lûd net ta. Yn stee dêrfan falle se werom op de âlde regels fan de Selskipsstavering fan 1879, of konstatare se dat it sa dreech is om regels te jaan foar it staverjen fan it /u(:)/-lûd, dat it mar op it ûnthâld moat. Mei dizige oanwizingen as ‘gâns wurden yn it Hollânsk’ of ‘gauris kin it Hollânsk ...’ moat de learder him mar rêde. Boppedat begjinne sokke ferwizingen nei it Nederlânsk har eigen libben te liden en wurde se omset ta regels yn de lettere staveringsboekjes.³⁴ Ferwizingen nei it Aldfrysk, dé reden om in *oe* te staverjen, komme nei 1945 en foar 1976 net mear foar.

De yn 1945 fêststelde regel foar it staverjen fan it /u(:)/-lûd is ek net konsekwent tapast yn de wurdboeken Nederlânsk-Frysk en Frysk-Nederlânsk. De ûnwissens dy’t dy regel weinimme moatten hie, is bleaun, sels by de gearstallers fan de wurdboeken (en yn it gefal fan redakteur Poortinga, ek nochris immen dy’t lid west hie fan de staveringskommisje).

34. Sjoch bgl. Dijkstra 1991, 2003⁵, dat yn de folgjende paragraaf noch oan ’e oarder komt.

3. De Staveringsferoaring fan 1980

3.1. De Steatestavering

De staveringsferienfâldiging fan 1945 beäntwurde net oan it ferlet dat der wie fan in better oan te learen stavering, in ferlet dat hieltyd driuwender waard doe't it Frysk nei 1950 in rommer plak yn it ûnderwiis begûn te krijen. Om didaktyske reden waard dêrom út ûnderwiisrûnten wei hieltyd wer oanstien op in staveringsferoaring dy't fierder gean moast as dy fan 1945 (Sijens 2015, s. 78). Dy winsk late ta in wiidweidige diskusje en striid oer it karakter fan in eventuele staverings oanpassing,³⁵ dy't mear as tweintich jier duorje soe en úteinlik op 28 april 1976 ta in ein kaam doe't Provinsjale Steaten besleaten ta in tal oanpassingen en ferienfâldigingen fan de Akademystavering fan 1945. De stavering dy't doe fêststeld is, giet sûnt dy tiid troch it libben as de Steatestavering en is op 1 jannewaris 1980 yngien (Sijens 2015, s. 92).

3.2. De wizigingen

De staveringswiziging fan 1976/1980 hâlde foar de skriuwwize fan it /u(:)/-lûd en it delgeand twalûd /u.ə/ twa feroaringen yn. It teken *ou* foar in *n*, yn gâns krite fan Fryslân útsprutsen as /u/, waard tenei stavere as *û*: *soun*, *goune* en *joun* ('avond') waarden *sûn*, *gûne* en *jûn*. De foarm *jown*, it mulwurd fan it tiidwurd *jaan*, waard tenei ek skreaun as *jûn*. De *û* foar in *r* waard wizige yn *oe*, sadat it delgeand twalûd /u.ə/ tenei yn alle gefallen mei *oe* stavere wurde moast. Foar it oare waarden de regels foar it staverjen fan it /u(:)/-lûd net wizige. By de behanneling yn de Steaten waard noch al in amendemint yntsjinne om it /u(:)/-lûd tenei altyd mei *û* te staverjen, mar dat

35. Yn dy diskusje kaam de stavering fan it /u(:)/-lûd en de tûkelteammen dy't dêr mei anneks wiene ek oan 'e oarder. Yn 1968 ferskynde in rapport fan de staveringskommisje dy't yn 1966 troch it bestjoer fan de Fryske Akademy en de Ried fan de Fryske Biweging ynsteld wie. De komisje wie net ienriedich en kaam mei twa útstellen ta wiziging fan de stavering fan it Frysk. Yn útstel 1 waard pleite foar in gruttere feroaring fan de stavering, mei ek in oanpassing fan de skriuwwize fan it /u(:)/-lûd. It koarte /u/-lûd soe altyd oanjûn wurde moatte mei *û*: *bûk*, *bûtter*, *dûbbel*, *hûkke* (de konsonantferdûbeling nei koarte lûden, hjir yn de lêste trije foarbylden, makke ek diel út fan de foarstelde wizigingen). It lange /û/-lûd soe altyd oanjûn wurde moatte mei *û*: *hûs*, *kûke*. Yn sletten wurdlidden soe it ek mei *ûû* werjûn wurde meie, bygelyks yn wurdboeken en by begjinnend ûnderwiis (*Utstellen fan de komisje foar de stavering fan it Frysk*, 1968, s. 8-9, 10). Utstel 1 is úteinlik net honorearre. Utstel 2 pleite foar in lytse feroaring yn 'e stavering fan it Frysk, de skriuwwize fan it /u(:)/-lûd soe dêrby net wizige wurde. (Sjoch foar in fierdere beskriuwing, Sijens 2015).

foarstel waard nei diskusje fersmiten mei 39 tsjin 9 stimmen (De Jong 1976, s. 32-34).

It /u(:)/-lûd yn 'e nije Akademywurdboeken

De earste Fryske wurdboeken yn de Steatestavering kamen yn 1984 en 1985 út. It gie krekt as yn de fyftiger jierren fan de foarige iuw om in set oersetwurdboeken Frysk-Nederlânsk en Nederlânsk-Frysk. Wat de stavering fan it /u(:)/-lûd oangiet, setten dy beide wurdboeken de ynsette 'tradysje' fan it net oer alle boegen tapassen fan de regel fan 1945 troch. Yn it Frysk-Nederlânske diel fynt men bygelyks wurden as *koekeloere*, *koets*, *poes* en *troebel* stavere mei in *oe*, wylst dat winliken in *û* wêze moatten hie. It Nederlânsk-Fryske diel hat dy foarmen, as oersettingen fan *koekeloeren*, *koets*, *poes* en *troebel*, lyksa stavere mei in *oe*. Om't de staveringsregels oangeande dit lûd ek net wizige wiene, is der grif ek net nei sjoen oft it winliken ek oars moatten hie.

It /u(:)/-lûd yn J. Boersma, De Fryske stavering

Fanwege de staveringswiziging frege it ûnderwiis om nije staveringsboekjes, dy't de wizige regels mar ek de besteande regels beskreaunen en útleinen. It earste boekje dat útkaam, wie fan de hân fan Johannes Boersma, *De Fryske stavering*. Dat staveringsboekje behannelet yn 16 haadstikjes hoe't it Frysk skreaun wurde moat. Dêrby giet Boersma út fan de skrifttekens dy't de ûnderskate (by)lûden werjouwe. De tekens *û* en *oe* foar it /u(:)/-lûd komme oan 'e oarder yn ien haadstik, tegearre mei de twalûden, dy't mei *oe* en *uo* skreaun wurde. Boersma jout de staveringsregels foar it /u(:)/-lûd sa wer:

It koarte en it lange û-lûd staverje wy mei *û* of *oe*.

Mei *û*:

1. as yn oare talen of dialekten de oerienkomstige wurden in *ui*, *eu*, *u* of *ú* hawwe;
2. foar in *n*.³⁶

As it *û-lûd* tebek giet op in lange *oo*, dan staverje wy in *oe*.

Soms is dat te sjen oan oare talen, lykas it Ingelsk of it Nederlânsk.

As yn it Nederlânsk hjir in *oe* skreaun wurdt, dan dogge wy dat yn it Frysk ornaris ek.

(Boersma 1976, 1980³, 21-23)

36. Regel 2 lit ik fierder gewurde, om't dy bûten de kwestje falt dy't yn dit artikel bepraat wurdt. Sjoch noat 2.

Nei dizze regels folgje lange rigen mei foarbylden. De foarbylden dy't neffens regel 1 mei in *û* stavere wurde, wurde dêrby hieltyd folge fan in oerienkomstich wurd út in oare taal.

Boersma hat de jildende regel fan 1945 net goed werjûn. Dy regel seit allinnich mar dat it /u(:)/-lûd mei *û* stavere wurdt. Der hoecht útsein it Aldfrysk net mear nei oare talen sjoen te wurden om dat út te meitsjen. De regel fan 1945 woe ommers in ferienfâldiging wêze. Boersma fiert krekt as Sipma 1948 it komplekse sjen nei oare talen en dialekten wer yn, mei it beswier dat dat ta ferskillende útkomsten liede kin. Hy spesifisearret boppedat net om hokker oare talen en dialekten oft it giet. Moat der ek nei it Grinslânsk, Stellingwerfsk of Dútsk sjoen wurde? Yn de foarbylden sjocht er de iene kear nei it Nederlânsk en de oare kear nei it Stedfrysk, soms nei beide. Efter *bûter* en *fûgel* steane resp. de Stedfryske foarm *butter*, *buter* en *feugel*, mar net de Nederlânske oerienkommende wurden *boter* en *vogel*, dy't neffens Boersma syn eigen regels pleitsje foar in stavering mei *oe*.

Yn Boersma syn rige mei foarbylden misse de wurden *kûgel* of *fûterje*, dy't yn de wurdboeken mei in *û* stavere wurde. As men nei it Stedfrysk (*koegel* en *foetere*) of Nederlânsk (*kogel* en *foeteren*) sjen moat, soe de skriuwlike winlike *koegel* en *foeterje* wêze moatten hawwe.

By de regel om *oe* te staverjen ferwiist Boersma wol nei in histoaryske lange *oo*, mar hy seit net dat dêrmei in Aldfryske lange *oo* bedoeld is. Boppedat mist hjir de tafoeging út de regel fan 1945: 'As it net oan to wizen is of net oannommen wurde moat, dat in wurd tobek giet op in âldfryske lange *o*, dan wurdt altyd *û* stavere' (*Forienfâldiging*, s. 4, 5).

De oanfolling dat it 'soms' te sjen is oan oare talen as it Ingelsk of it Nederlânsk helpt ek net. Want dat 'soms' suggerearret dat it soms ek net te sjen is. Hoe't je it dan wol útfine moatte, wurdt net sein. De twadde oanfolling, dat as it Nederlânsk in *oe* skriuwt, dat it Frysk dat dan 'ornaris' ek docht, is wol in handige en tapasbere tafoeging, want de measte learders sille dy taal wol kenne. Wêrom't it Ingelsk jin helpe kin om út te meitsjen oft in wurd mei *oe* skreaun wurde moat, wurdt net dúdlik. Yn de foarbylden steane gjin Ingelske wurden om mei te ferlykjen.

Boersma syn rychje mei foarbylden jout wurden dy't neffens de regel fan 1945 mei *û* skreaun wurde moatten hiene: *poeske*, *stroef*, *stoef*, om't it net oannimlik is dat se tebek geane op in Aldfryske lange *o*. De foarbylden binne boppedat net altyd dúdlik, want yn it rychje dat jûn wurdt, steane ek bûgingsfoarmen fan tiidwurden mei it delgeande twalûd: *woe*, *soe*, *koe*, *woene(e)*, *soene(n)*, *koene(n)*, dy't by de behandeling fan it delgeand twalûd stean moatten hiene.

It /u(:)/-lûd yn F.B. Dijkstra, Staving

Yn 1991 publisearret drs. F.B. Dijkstra it boekje *Staving*, in learmiddel foar de kursussen Frysk. Dijkstra giet yn syn behanneling út fan de lûden en jout dêrby de skriftekens dy't de lûden represintearje. By de behanneling fan it /u(:)/-lûd jout de auteur de staveringslearder goede moed, mei it sizzen dat 'mei help fan in pear regels ... hast alle wurden sûnder flaters stavere wurde (kinne)' (Dijkstra 1991, 2003⁵, s. 31). It wurdsje 'hast' makket jin suver al erchtinkend en dat it in 'pear regels' binne, falt ek al ôf, want it binne mei-inoar seis regels, mei dêrby ek noch fjouwer 'tink-derommen' en opmerkingen dy't oanjouwe dat it lân der wol wat dreger hinne leit as dat Dijkstra tinkt. It boekje jout foar it staverjen fan it /u(:)-lûd/ de neikomende regels:

Wannear staverje wy mei *oe*?

1. As itselde wurd yn it Nederlânsk foarkomt en dêr mei *oe* of *oo* stavere wurdt.
2. Yn 'e doetiid fan sterke tiidwurden, útsein as der nei it *û/oe*-lûd in *-n* folget.

Wannear staverje wy mei *û*?

1. As itselde wurd yn it Nederlânsk foarkomt en dêr mei *ui* of *eu* stavere wurdt.
2. As itselde wurd yn it Nederlânsk net foarkomt.
3. Foar *-n*.³⁷
4. Yn alle fjremde wurden, dêr't in *û/oe*-lûd yn foarkomt en dy't yn 't Nederlânsk nèt mei *oe* stavere wurde.

(Dijkstra 1991, 2003⁵, s. 31-33).

Alle oant no ta besprutsen nei-oarlochske staveringsboekjes behannelje earst it teken *û* as in soarte fan haadregel en slute dêrmei (ûnbewust) oan by de ferienfâldiging fan 1945, dy't foar de staving fan it /u(:)/-lûd de haadregel jout dat it mei in *û* skreaun wurdt. Dijkstra lykwols jout earst de regels foar de *oe*, wat didaktysk besjoen oanslút by it prinsipe om út te gean fan wat foar de taallearder bekend is, nammentlik de staving fan it Nederlânsk (Breuker 1997). Yn syn regels fine wy gjin ferwizing nei de Aldfryske lange *o*, mar wol wer nei it Nederlânsk. Dat jout deselde beswieren as dy't wy earder al sjoen hawwe: it wurdt sa net dúdlik wêrom't foarmen as *gûchelje*, *kûgel* en *bûter* dan mei *û* stavere wurde moatte. *Gûchelje* wurdt in útsûn-

37. Regel 3 en 4 lit ik gewurde, om't dy bûten de kwestje falt dy't yn dit artikel bepraat wurdt. Sjoch noat 2.

dering neamd, de skriuwwise *kûgel* wurdt hielendal net ferantwurde en de *û* yn *bûter* wurdt yn in aparte opmerking behannele:

‘Yn guon gefallen moat ek nei de Germaanske talen om ús hinne sjoen wurde. Sa wurdt ‘bûter’ mei *û* stavere en net mei *oe*, om’t it yn it Ingelsk ‘butter’ en yn it Dútsk ‘Butter’ is (Dijkstra 1991, 2003⁵, 33).

Mear ‘gefallen’ dêr’t it Ingelsk of Dútsk klearrichheid bringe moatte, neamt Dijkstra net en wat no makket dat op grûn fan it Ingelsk of Dútsk de stavering *bûter* is en net *boeter*, wurdt út dizze opmerking net dúdlik.

Dijkstra merkt ek op dat foar guon wurden jildt ‘dat de *oe*-stavering oanleard wurde moat’. Dy opmerking is net sa helder, omdat der gjin foarbylden fan sokke wurden jûn wurde.

By de regel foar it skriuwen fan de *û* makket Dijkstra in regel fan wat eins allinnich mar in helpmiddel is, want hij stelt dat it foarkommen fan *ui* of *eu* yn in Nederlânsk kognaat de stavering beskiedt. It Stedfrysk is hjir net mear yn byld.

De twadde regel foar de *û*, nammentlik as itselde wurd yn it Nederlânsk net foarkomt, yllustrearret er mei twa foarbylden: *slûch* (slaperig), *bûse* (zak). *Bûse* kin lykwols ferbûn wurde mei Nederlânsk *buis* (wambuis, ‘jasje’) en dat lit wer sjen dat it in drege regel is. Ommers, hoefolle kennis fan it Nederlânsk moat men hawwe om te sjen dat it Fryske wurd *doe* besibbe is oan it Nederlânske *toen*. As men dy kennis net hat, sil men miskien oanstriid hawwe om *dû*³⁸ te skriuwen. Sa sjogge wy dat dizze lêste regel fan Dijkstra foar learders net altyd like maklik ta te passen is, want hy ferûnderstelt kennis fan ’e ôfliedkunde en âldere Nederlânske wurdfoarmen en lang net elke Fryskskriuwer hat dy.

3.3. Kommentaar

It liket derop as hawwe sawol Boersma as Dijkstra foaral de staveringstryk fan nei 1945, dy’t net neffens de regels wie, yn regels fêstlizze wollen, yn stee fan út te gean fan de regels fan 1945. Om’t dy praktyk soms alle kanten útflein is, is de beregeling fan Boersma en Dijkstra ûnnedich dreech wurden. En sa sjogge wy wer dat Sipma’s konstatearring út 1913 wier bleau, de stavering fan it /u(:)/-lûd is ek nei 1980 in ‘muddle’ bleaun.

38. De foarm *dû* is ek de stavering fan in dialektyske fariant fan it pronomen *do*.

4. *Staveringsoanpassing 2015*

4.1. *De Foarkarswurdlist foar it Frysk*

Yn 2015 publisearre de Fryske Akademy op fersyk fan de Provinsje Fryslân de *Foarkarswurdlist foar it Frysk* en de *Paadwizer Fryske stavering*. De oanlieding foar dy opdracht wie de ûnwissens dy't bestie oer de skriuwlike fan it Frysk. De ynkonsekwiinte stavering oangeande guon wurden yn de gongbere Fryske wurdboeken frege ek om ferheldering. Yn in Tegast-artikel yn de *Leeuwarder Courant* frege skriuwer en korrektor Jan Schotanus om in 'ôfsprakelist', 'in list fan wurden mei meartalsfoarmen, ôfliedingen (ôfliedings?), tiidwurden mei de ferbûgingsfoarmen, nammen dy't ynboargere binne'.³⁹

By it gearstallen fan de wurdlist en de paadwizer hie de Fryske Akademy út te gean fan de offisjeel troch de Provinsje fêststelde stavering, te witten de Akademystavering fan 1945, oanfolle mei de wizigingen fan 1976/1980 en de regeling foar it staverjen fan de Frjemde wurden fan 1982.

By de tarieding fan it wurdlistprojekt die al rillegau bliken dat it tapassen fan de regels foar wurden mei in /u(:)/-lûd grutte ferskillen jaan soe mei de nei 1945 ûntstiene skriuwpratyk yn 'e media, literatuer, wurdboeken en learboeken. Hûnderten wurden yn de nije list soene mei in *û* skreaun wurde moatte en net mei in *oe*. Dêrmei kaam de Akademy foar in dilemma te stean: it opnimmen fan hûnderten omstaverere wurden yn in troch de Provinsje itige *Foarkarswurdlist* soe ûnrêst en opskuor jaan ûnder de Fryskskriuwers en in soad kosten foar útjouwers opsmite. It alternatyf wie om wol de staveringsregels te hanthavenjen, mar de bewende skriuwlike gewurde te litten en de besteande skriuwpratyk yn in list mei útsûnderingen te ferantwurdzjen. Gjinien fan beide opsjes hie de foarkar. De ûnrêst by de earste opsje moast te foaren kommen wurde, ûnrêst wie net de bedoeling fan de Provinsje en de Akademy. De twadde opsje wie ek ûnwinsklik, want yn dat gefal soe der wol in staveringsregel jûn wurde, mar mei dêrby tagelyk in hiel soad útsûnderingen, dy't men 'op it ûnthâld' leare moatte soe.

4.2. *Oare regel*

Om út it dilemma te kommen die de Fryske Akademy in foarstel om oangeande it /u(:)/-lûd in staveringsoanpassing troch te fieren dy't de besteande praktyk fierhinne binnen in regel bringe soe. Foar in beheind tal wurden soe dy oanpassing dochs in wiziging fan de stavering ynhâlde. It

39. Jan Schotanus, *Grien Boekje foar it Frysk*, yn: *Leeuwarder Courant* 8-4-2011.

foarstel hold yn dat de haadregel is dat it koarte en lange /u/-lûd stavere wurde moat as *û*, mei twa útsûnderingen:

- a. as it oerienkomstige Standertnederlânske wurd in *oe* hat, dan hat it Fryske wurd dy ek,
- b. de bûging fan in beheind tal ûnregelmjittige tiidwurden hat yn de ûnfolsleine en folsleine doetiid foar it koarte of lange /u/-lûd de stavering *oe* of *û*.⁴⁰

By de regel en de útsûnderingen steane in mannich foarbylden en ek in oersjoch fan de wurden dy't troch de oanpassing in oare stavering krije. De meast frekwinten dêrfan binne *droech* en *noegje*, dy't tenei as *drûch* en *nûgje* stavere wurde (*Regeloanpassingen* 2015).

De oanpassingen,⁴¹ mei de útwurking dêrfan yn de *Paadwizer* en *Foarkarswurldlist*, waarden yn desimber 2014 fêststeld troch Provinsjale Steaten en gongen yn op 30 jannewaris 2015.

4.3. Kommentaar

In foardiel fan de nije beregeling is dat de haadregel dat it /u(:)/-lûd mei *û* stavere wurdt yn stân bleaun is, mar dat de bepaling ferfallen is dat wurden dêr't de /u(:)/ yn tebek giet op de Aldfryske lange *o*, mei *oe* stavere wurde moasten. De útsûndering dat in wurd mei in *oe* stavere wurde moat as dat yn it Standertnederlânsk ek sa is, ûnderstelt dêrfoaroer kennis fan it Nederlânsk. Dy kennis hawwe Fryskpraters, want hja binne twatalich Frysk-Nederlânsk en kenne de Nederlânske stavering better as de Fryske, ek al sil it by ûnbekendere wurden wolris swierrichheden jaan kinne. In link bygelyks tusken de Nederlânske foarm *toen* mei it Fryske *doe* sil net foar elk like maklik te lizzen wêze. By twivel oer de stavering jout lykwols de *Foarkarswurldlist* útslútsel. Dizze regel is yn alle gefallen makliker ta te passen as de âlde, omdat it Standertnederlânsk yn wurdboeken en bygelyks de *Woordenlijst Nederlandse Taal* tagonklik is en soks kin net sein wurde fan it Aldfrysk.

It neidiel fan de nije regeling is dat der no ek wer twa tekens foar de werjefte fan it /u(:)/-lûd binne en dat der dus ek noch altyd ekstra regels

40. Yn in opmerking by b. stiet dat mei dizze útsûndering net fan de besteande staveringsspraktyk ôfwykt wurdt.

41. Neist de oanpassingen yn 'e stavering fan it /u(:)/-lûd, wiene der noch in pear oanpassingen, sj. dêrfoar https://taalweb.frl/docs/Regeloanpassingen_Fryske_stavering_2015.pdf (rieplichte op 16 april 2018).

nedich binne om oan te jaan wannear't it iene teken brûkt wurde moat en wannear it oare. In bliuwend beswier is ek dat der nettsjinsteande de ferbettering, dochs noch wer nei in oare taal sjoen wurde moat om ta de goede stavering te kommen. Dat leit oan 'e iene kant miskien yn 'e reden, omdat by it skriuwen fan it Frysk it Nederlânsk ús 'foarbyld' is, mar oan 'e oare kant is it net needsaaklik. Der binne genôch staveringregels dy't lossteane fan it Nederlânsk, bygelyks it brûken fan it teken *y* yn sletten wurdliden by it staverjen fan it koarte /i/-lûd, of it teken *û* dat it /u(:)/-lûd werjout. En foar oarstaligen, dy't it Nederlânsk net kenne (wat net in soad foarkomme sil) is it ek net sa handich om in taal dy't sy net behearskje as útgongspunt foar staveringregels te hantearjen.

5. Beslút

5.1. Twa tekens en oare talen

De staveringsregels foar it /u(:)/-lûd dy't it *Selskip foar Fryske taal en skriftekennisse* yn 1879 fêstlein hie, hawwe troch de tiid hinne dreech west om ta te passen. Yn de skriuwtadysje bestiene de tekens *û* en *oe* al en de selskipslju woene gjin kar foar it iene of oare teken meitsje en dus krigen beide in plak yn 'e staving. Mar dat makke it wol nedich om regels te jaan om út te meitsjen hokker teken oft yn hokker gefal brûkt wurde moast. Dy helpregels bestiene derút dat der nei oare talen sjoen wurde moast. Dêrtroch waarden de regels ûnnedich komplisearre.

Dat foar de staving nei de etymology fan in wurd en nei de analogy mei oare wurden sjoen wurdt, is frij gewoan. Mar dan is de eigen taal de boarne om ta in staveringsfoarm te kommen. It is folle ûngebrûkliker dat men foar in staveringsysteem fan in beskate taal de help ynropt fan ien of mear oare talen, mar dat is by it Frysk dus wol bard. De sa foar de staving fan it Frysk ûntstiene ôfhinklikheid fan it Nederlânsk befêstiget de status fan it Nederlânsk as dominante taal yn Fryslân.

5.2. Regels en praktyk

De staveringskommisje fan de Fryske Akademy hat yn 1945 besocht om de regels foar it staverjen fan it /u(:)/-lûd ienfâldiger te meitsjen. De staveringspraktyk fan nei dy tiid lit lykwols sjen dat de ferienfâldige regels net goed tapast binne. Wêrom't dy ôfwikende staveringspraktyk ûntstien is, is net mei wissichheid te sizzen, wy kinne allinnich inkelde ferûnderstellingen jaan.

Foarst kin de oarsaak lizze yn de wizigingen fan it wurdbyld, gâns wurden soene ommers troch de regel fan doe offisjeel in oare skriuwwize krigen hawwe. Tink dêrby oan foarbylden as *pûs*, *trûbel*, *grûp*, *kûkeloere* en *kûpel*. Yn it boekje *Forienfâlding fan de Fryske staving* is de regel wol helder notearre, mooglik dat de rige foarbylden fan wurden dy't tenei mei in *û* skreaun wurde moasten net wiidweidich genôch west hat om it 'fjild' dúdlik te meitsjen wat de konsekwinsjes wiene. Miskien hat de staveringskommisje it him net realisearre hoefier't de regelwiziging gie. Dat de leden fan de komisje it sels ek net troch hân hawwe, soe men ek ôfliede kinne út it feit dat se yn publikaasjes dy't daliks nei it ynfieren yn 'e hjerst fan 1945 ferskine, de nij-oannommen regel net tapasse. Stikken fan J.K. Dykstra, Y.

Poortinga en E.B. Folkertsma tsjûgje dêrfan en Sipma syn ôfwikende werjefte fan de regels yn *Ta it Frysk I* stipet dy ferûnderstelling ek.

In twadde reden kin wêze dat de wizigingen yn de stavering fan it /u(:)/-lûd net neamd wurde yn it oersjoch fan de staveringsferoaring dat yn it *Lyts Frysk wurdboek* fan 1945 stiet. Foar safier't Frysklearders en staveringsboekjeskriuwers op dat oersjoch tebek foelen, misten se dus dit ûnderdiel fan de ferienfâldiging.

Yn de beskriuwing fan de regels foar it staverjen fan it /u(:)/-lûd yn grammatika's en staveringsboekjes is it dêrnei ek net goed gien. De auteurs foelen meastal werom op de âlde regels fan foar 1945 en soms waarden ek nije regels betocht, bedoeld om de besteande (ôfwikende) praktyk dochs yn in systeem fan regels ûnder te bringen. Uteinlik is yn 2015 in regeling ta stân kommen dy't de praktyk fierhinne yn wêzen litten hat, en dy't makliker ta te passen is as syn foargongers. It beswier fan twa tekens foar it /u(:)/-lûd en it beheljen fan in oare taal yn de tapassing fan de regels bestiet lykwols noch altyd. De stavering fan it /u(:)/-lûd is dan miskien gjin *muddle* mear, der bliuwe noch wol raffelige rantsjes oer.

Fryske Akademy
Ljouwert

Literatuer

Boekstavering 1879

De Fryske Boekstavering, In hantlieding for hwa yn 't Frysk skriuwe wolle. It Hearrenfean: N.A. Hingst.

Breuker 1997

Pieter Breuker, 'How to teach West Frisians the spelling of their language', *Us Wurk* 46 (1997), s. 23-41.

De Jong 1976

E.S. de Jong, *Swart op wyt: hwat de steaten seine fan it Staveringsfoarstel (gearkomste 28 april 1976).* Ljouwert: Provinsiale Foarljochtingstsjinst.

Dijkstra 1991, 2003⁵

F.B. Dijkstra, *Stavering.* Ljouwert: Afûk.

Douma 1946

S.W. Douma, *Nij Frysk Staveringsboekje foar leargongen en selsstúdzje (mei kaei)*. Drachten: Laverman.

Feitsma 1999

Tony Feitsma, *Skiednis fan de stavering*. Yn: Anne Dykstra en Rolf H. Bremmer Jr, In *Skiednis fan 'e Fryske taalkunde*, s. 154-174. Ljouwert: Fryske Akademy.

Feroardering 2015

Feroardering fan Deputearre Steaten fan Fryslân fan 27 jannewaris 2015, hâldende regels oangeande de offisjele stavering fan de Fryske taal 2014. Provinciaal blad 2015, nr. 477, 29 januari 2015.

Ferslach

Ferslaggen fan de gearkomsten fan de Staveringskommisje fen de Fryske Akademy, 1945. Argyf Fryske Akademy.

Foarkarswurldlist 2015

Foarkarswurldlist foar it Frysk (<https://taalweb.frl/foarkarswurldlist>, rieplachte 12-4-2018).

Folkertsma 1973

B. Folkertsma, *De stavering fan it Westerlauwersk Frysk yn de njoggentjinde ieu*. Grins: Frysk Ynstitút oan de Ryksuniversiteit to Grins, 1973.

Forienfâldiging 1945

Forienfâldiging fan de Fryske stavering. Ljouwert: Eisma.

Friesch Woordenboek 1900-1911

Dijkstra, W., *Friesch Woordenboek (Lexicon Frisiscum)*. Leeuwarden: Meijer & Schaafsma.

Frysk Wurdboek 1952

Buwalda, H.S., G. Meerburg, Y. Poortinga, *Frysk Wurdboek Nederlânsk-Frysk*. Bolswert: A.J. Osinga.

Frysk Wurdboek 1956

Buwalda, H.S., G. Meerburg, Y. Poortinga, *Frysk Wurdboek Frysk-Nederlânsk*. Bolswert: A.J. Osinga.

Kalma 1950

D. Kalma, *Frysk Staveringsboekje mei kaei. Njoggende, foroare, printinge*. Drachten: Laverman.

Lyts Frysk Wirdboek 1934, 1944²

Lyts Frysk Wirdboek, I Frysk-Nederlânsk. Boalsert: A.J. Osinga.

Nieuwenhuis en Wyga 1945

D. Nieuwenhuis en E. Wyga, *Net twisken mar tusken*. Ljouwert: Ynstitút Fryslân.

Paadwizer 2015

Paadwizer Fryske stavering. Ljouwert: Fryske Akademy, (<https://taalweb.frl/paadwizer>, rieplachte 12-4-2018).

Poortinga 1960

Y. Poortinga, 'De opbou fan de Fryske Literatuertael oan it begjin fan de 19de ieu', yn: K. Dykstra, K. Heeroma, W. Kok, H.T.J. Miedema (red.), *Fryske Stúdzjes, oanbean oan Prof. Dr. J.H. Brouwer*. Assen: Van Gorcum & Comp., 1960, s. 313-326.

Regeloanpassing 2015

Regeloanpassingen Fryske stavering mei yngong fan 30 jannewaris 2015. Ljouwert: Fryske Akademy (https://taalweb.frl/docs/Regeloanpassingen_Fryske_stavering_2015.pdf).

Sijens 2015

Hindrik Sijens, 'Tony Feitsma en de stavering fan it Frysk'. Yn: Anne Tjerk Popkema et al (red.), *Wittenskip en Beweging. Skôgings oer wurk en stribjen fan prof. dr. Tony Feitsma*, s. 77-96. Ljouwert: Wijdemeer.

Sipma 1913

P. Sipma, *Phonology & grammar of modern West Frisian; with phonetic texts and glossary*. London: Oxford University Press.

Sipma 1948

P. Sipma, *Ta it Frysk I*. Ljouwert: R. v.d. Velde.

Twerda 1948

H. Twerda, *Koart en Klear. Frysk staveringsboekje*. Boalsert: A.J. Osinga.

Van Blom 1889

Ph. van Blom, *Beknopte Friesche Spraakkunst voor den tegenwoordigen tijd*. Joure: R.P. Zijlstra.